



Nij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXXII, nûmer 4

winter 2023

ISSN 2352-8958

Herman van Vliet (rjochts)
kriegt syn masterbul oan de RUG
(25 maaie 2023)





(1)



(2)



(3)

Byskriften:
1. Frâns Koning (rjochts) fûstket mei Herman van Vliet (lofts) foar de yngong fan de Ryksuniversiteit fan Grins (25 maaie 2023, foto: Seye H. Brinkman; sj. s. 13).
2. Frâns Koning (midden), Joeke van der Heide (lofts) en Seye Herke Brinkman (midden) steane klaar by de sjeas (25 maaie 2023, foto: Sjoerd Groenhof; sj. s. 14).
3. Herman van Vliet MA (rjochts), Joeke van der Heide (midden) en Frâns Koning (lofts) mei ús pompeblêden (foto: Sjoerd Groenhof; sj. s. 15).
4. Seye Herke Brinkman (rjochts) en Joeke van der Heide (lofts) (25 maaie 2023; foto: Sjoerd Groenhof; sj. s. 15).
5. Arno Ulrichs, boargemaster fan Ihlow (foto: Imke Cirksena; sj. s. 7).
6. Kommissaris fan de Kening drs. Arno Brok (midden mei reade strik), sprekker by de Opstalsbeam-betinking 2023. (Rahe by Au[w]erk/Aurich, 30 maaie 2023, foto: S.T. Hiemstra; sj. s. 8).



(4)



(5)



(6)

Ús eigen Taal (45)

Sytze T. Hiemstra

In Opstalsbeamparlemint foar de trije Fryslannen is needsaaklik, mar freget mear stipe en aksje

*W*êr bliuwt it ynter-Frysk Opstalsbeamparlemint foar de Fryslannen yn Dútslân en Nederlân? Al jierrenlang stean ik, mei de Fryske Rie, in frijwilligersorganisaasje dy't der foar de kontakten tusken de trije Fryslannen yn Nederlân en Dútslân is (en dêr't ik sûnt 2006 oant en mei 2022 noch bestjoerslid fan west haw), oan op it stiftsjen fan in kultuerparlemint foar de trije Fryslannen (Westerlauwersk Fryslân, Ostfriesland en Nordfriesland) neffens it model fan de Ostfriesische Landschaft. It eint dêr lykwols mei as in lûs op it tarre presinning. Fan de Ried fan de Fryske Beweging, dêr't ek de Fryske Rie yn fertsjintwurdige is (!), foel ek neat te ferwachtsjen. De Deistich Bestjoerders dêrfan hiene it te drok mei harsels, koe ne net oer har grinzen hinne sjen en belangstelling opbringe foar it wurk fan de Fryske Rie (sjoch ek fierderop). Sa'n beheind eachweid mei ienrjochtingsferkear is wol in hiel smelle basis foar in fruchtbere gearwurking. Ik rop hjirby dan ek fannijs op om mear aksje en stipe foar sa'n ynter-Frysk kultuerparlemint dat letterlik oer de grinzen hinne rikt, persoanlik en ynstitusjoneel. In beheind oersjoch fan dat stribjen folget hjirûnder.

Kronyk fan myn stribjen foar in ynter-Frysk kultuerparlemint
- **Juny 2018, út: Nij Frisia, nû. 2, s. 20 (S.T. Hiemstra)**¹

“3. Om gearwurking tusken de Fryslannen struktureel op makronivo (op bestjoerlik mêd) te ferbetterjen (te ferbreedzjen en te ferdjipjen) is it needsaaklik om foar de Fryslannen in (kultuerpolityk) ynter-Frysk orgaan yn it libben te roppen dat regelmjittich byinoar komt (bygelyks ien of twa

kear jiers), dat fragen fan mienskiplik belang besprekt en de útkomsten dêrfan nei binnen en bûten bepleitsje kin. Dat soe in soarte fan (Opstalsbeam)-parlemint wurde moatte dat wikseljend yn de trije Fryslannen gearkomt en redendiel, mar it soe ek in fêst plak krije kinne yn (it gebou) fan de *Ostfriesische Landschaft* yn Auerk (Aurich).”

- **19 nov. 2018, bydrage Fryske Rie (S.T. Hiemstra) foar in advyskommissje foar it Ramtferdrach foar de beskerming fan Nasjonale Minderheden fan de Ried fan Europa by in besite oan Ljouwert**²

“4. Establishing a joint Inter-Frisian Culture Parliament to promote mutual political and administrative cooperation (at macro level) and, among other things, aimed at advocating or defending the common interests of the three Frisian countries (e.g. the performance of lobbying activities



Sytze T. Hiemstra



¹ Klik op: <http://www.ffu-fri.eu/PDF/180803.def.nijfrisia2-18.compressed.pdf>; Sytze T. Hiemstra, “It ‘Europeesk Hânfêst’ en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren (IV)”, s. 15-21.

² Klik op: <http://www.ffu-fri.eu/PDF/181118Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf>; “Subject: contribution of the Fryske Rie regarding the promotion of cross-border cooperation of Westerlauwers Fryslân (Neth.) with East and North Friesland (in Germany)”. Ek: [Fryske Rie-bydrage Ramtferdrach Nasjonale Minderheden.pdf](http://www.ffu-fri.eu/PDF/181118Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf)

Kolofon

Wj binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 maart 2024. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra en Ed Knotter. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

Seye Herke Brinkman, drs. Piter Dykstra, Sjoerd Groenhof, drs. Sytze T. Hiemstra, Sander Hoekstra en Jaap Slager.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Jenny Douwes, Oane Dykstra (skathâlder), Sjoerd Groenhof, Jelle de Haan, Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten en Elske Schoonbeek-de Jong (skriuwster).

Fan de redaksje

Op de drompel fan it nije jier ûndergiet *Nij Frisia* jitte in lytse fernijing. Oant no ta wiene de skeakels yn it blêd teksten dy't wol in webadres (URL) oanjoegen, mar om se te brûken moast de lêzer sels mar sjen hoe't er dy tekst yn in webbrowser krige. Dat is no oars: yn de PDF-ferzje dy't men op in kompjûter, tablet of mobyl lêst, binne de skeakels no oan te klikken en dan iepenet de webbrowser de triem (bestân) dy't troch de skeakel oantsjuten wurdt. Foar de lêzers fan de papieren *Nij Frisia* wurde de skeakels ek folle tagonklikker, al least dyjingen dy't fan in QR-koade fersjoen binne. Mei de bar- of QR-koadeskenner fan in tablet of mobyl kin ek daliks de oantsjutte triem iepene wurde. Dat dogge wy mei it doel om de lêzer oan te moedigen om mear stúdzje fan de ynhâld fan de artikels te meitsjen. De Fryske striid kinne wy net fiere sûnder in goede kennis fan saken.

Wat dy striid oangiet, meldt Sytze Hiemstra de stân fan saken fan syn krewearjen foar it Opstalsbeamparlemint. Sjoerd Groenhof lit sjen dat de aksje foar mear sichtberens fan it Frysk oanslacht. Yn it artikel *Moat de flagge ek healstok [...]* sjogge wy nei de opskuor dy't it WOO-fersyk fan it bestjoer opsmiten hat. Ut *It Nij*s komt de oprop fan de *Ried fan Europa* foar mear aksje foar it Frysk. De gearfetting fan it sânde krityske rapport is ek ôfprinte.

In jier lyn hat der yn de Twadde Keamer in debat oer it Frysk west. Ik haw doe út *'Sis Tsiis'* wei in tal keamerleden fan wat eftergrûnynformaasje foarsjoen. Dat brief en in skeakel nei it debat sels kinne jimme hjir fine.

Mar wy hawwe ek fleurich nijs. Mei de nijste aksje fan Seye Herke Brinkman, dy't in feestlik aksint jûn hat oan de promoasje fan Herman van Vliet, is dit nûmer ek fersierd. De ûnderhâldende taspraak fan Sander Hoekstra op de ledegearkomste kinne jimme ek neilêze. En oer de *Ynternasjonale Fryslândei* yn Emden litte wy ek in pear dinkjes sjen.

Nij is yn dit nûmer de *Wurdsiker*. Yn kranten komt dat type puzzel wol mear foar. Mar wy wolle dit ark brûke om boartlik krekt efkes langer mei wat nijsgjirrige wurden om te pielen, sadat dy wat better yn it ûnthâld bliuwe en dêrtroch kâns meitsje om faker brûkt te wurden.

Wy jouwe ek omtinken oan it skitterjende podcast-projekt fan Jenny Douwes. Der binne no sân ôfleveringen te sjen en troch de skeakels oan te klikken of de QR-koade te skennen kinne jimme der sa by.

Jaap Slager slút lykas wenst ús nûmer ôf. *Endemolsk* is in nij wurd foar ... Sis it mar!

In soad lêsnocht en in goed âld en nij tawinske.

Piter Dykstra

By de foarside

Frâns Koning (lofts) en Herman van Vliet (rjochts) hâlde de beide Fryske hynders foar de sjeas fêst (foto: Sjoerd Groenhof).

[ferfolch fan s. 3]

in important capitals such as Berlin, The Hague and Brussels). Such an 'Opstalsbeam'-parliament could have its seat in Aurich (for instance in the Ostfriesische Landschaft building).

4. Het tot stand brengen van een gezamenlijk inter-Fries cultuurparlement ter bevordering van de onderlinge politieke en bestuurlijke samenwerking (op macroniveau) en o.a. gericht op het bepleiten of behartigen van de gemeenschappelijke belangen van de drie Frieslanden (bijv. het verrichten van lobbyactiviteiten in belangrijke hoofdsteden als Berlijn, Den Haag en Brussel). Zo'n 'Opstalsbeam'-parlement zou zijn zetel kunnen krijgen in Aurich (bijv. in het gebouw van de Ostfriesische Landschaft)."

- 7 juny 2021: (format) aktiviteiteplan fan de Fryske Rie fêststeld troch Deputearre Steaten op 7 juny 2021 foar in boekjersubsydze

"Te berikken kwantitative resultaten:

- It fersterkjen en ûnderhâlden fan de bân tusken de ûnderskate Fryslannen.
- It útwikseljen fan ideeën ûnder mear op it mêd fan toerisme en polityk-bestjoerlike saken, kontakten lizze en ûnderhâlde, West-Friezen yn kontakt bringe mei Dútske Friezen en har taal en oare kultuer. Jongerein bewust meitsje fan de Fryske identiteit fan harsels en dy fan 'bûtenlânske' Friezen. It troch de studinten sels ynfoljen fan parten fan de meetings en it meitsjen fan skriftlike ferslaggen.
- Bekend meitsjen fan Fryske kultuer yn Europa.

Te berikken effekten:

Doel:

- It ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede besjutting mei help fan ynternasjonale kontakten en mei 't skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje;
- it bekend meitsjen yn oare Europeeske regio's fan de Fryske kultuer en it jaan fan meiwurking oan de presintaasje fan de kultuer fan oare Europeeske regio's yn de eigen provinsje;
- it stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa mei it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's;
- it befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken.
- it benammen befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.
- De Fryske Rie giet tegearre mei *Sektion Ost* yn 'e pleit



De Fryske Rie wol ta op in ynter-Frysk kultuerparlemint.

foar it oprjochtsjen fan in *ynter-Frysk* kultuerparlemint om de ûnderlinge, grinskrusende politike en bestjoerlike gearwurking (op makronivo) te befoarderjen. In parlemint dat him û.o. rjochtsje moatte soe op it bepleitsjen of behertigen fan mienskiplike belangen fan de trije Fryslannen, bgl. troch it ferrjochtsjen fan lobbyaktiviteiten yn wichtige haadstêden lykas Berlyn, De Haach en Brussel. Sa'n 'Opstalsbeam'-parlemint soe syn sit krije kinne yn Au[w]erk (bgl. yn it gebou fan de Ostfriesische Landschaft).

- It is ien fan de punten dy't de Fryske Rie op it aljemint brocht hat by de leden fan it advyskomitee foar it 'Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden' (te Ljouwert op 19 nov. 2018) fan de Ried fan Europa."

- 20-01-2022: ynkommen e-postberjocht fan it Deistich Bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging

"Van: Fryske Beweging <ynfo@fryskebeweging.nl>

Verzonden: donderdag 20 januari 2022 12:02

Aan: 'FFU Feriening Frysk Underwiis' <ffupost@hotmail.com>

CC: Ried@groups.outlook.com <Ried@groups.outlook.com>

Onderwerp: RE: foar RfdFB: Makro-Upstalsbeam

Goeie Sytze,

Tank foar dyn ynformaasje. We hawwe it digitaal yn it bestjoer 'bepreat'. Wy sjogge hjir lykwols net in taak foar de Ried fan de Fryske Beweging yn. Wy sette boppedat fraachteken by de needsaak fan wer in nij oerkoepeljend orgaan. De kulturele kontakten tusken de trije Fryslannen ferrinne fia de (Ynter-)Fryske Rie en politike kontakten binne der ûnder oare tusken FNP, die Friezen en SSW, en as it nedich is ek út de provinsjale oerheid wei.

Dêr komt by dat wy as deistich bestjoer fan de Ried genôch om hannen hawwe om foar de Fryske taal en kultuer yn ús eigen Fryslân te striden. Dat sjogge we as ús wichtichste taak. Boppedat sitte we, krekt as mear frijwilligersorganisaasjes, mei fakatueres yn ús bestjoer.

Wy sette ús graach mei oertsjûging en enerzjy yn foar de Fryske taal en kultuer yn Fryslân. Der is wat dat oangiet noch wurk by de rûs.

Mei freonlike groetnis,
Nynke Beetstra, skriuwer”

- 9 juny 2022: ferfolch fan mûnlinge en skriftlike kontakt(en) fan S.T. Hiemstra mei deputearre Poepjes oangeande in persoanlike taalklacht en ek oer it Opstalsbeamparlemint

“2. *Ynterfrysk kultuerparlemint*. Hjirûnder, lykas ek telefoanysk bepraat, it berjocht fan provinsjaal amtner Jan Slijkhuis fan de stjoergroep FPM (Fryske Projektmasine), dy’t it advys fan him krije sil om nét te krewearjen foar in Ynterfrysk kultuerparlemint.

It idee is al inkelde jierren bekend by de Provinsje en de fierdere útwurking stagnearret, mei troch in tekoartsjittende kommunikaasje tusken in provinsjale amtner en de Fryske Rie. De eftergrûnen dêrfan haw ik oanjûn. Faaks kin de Provinsje de knyp punten ferhelpe en wer avensaasje yn de saak bringe.”

- 1, 7 en 8 sept. 2022: gearkomste (mei twa stipers) op 1 sept. mei deputearre Poepjes op it Provinsjehûs en it amtlik ferslach dêrfan (e-post 7 sept.) mei lettere oanfullings en kommentaar fan Sytze T. Hiemstra (e-post 8 sept.)

Punt 3 [amtlik ferslach]:

“De hear Hiemstra sjocht graach dat politisy út de trije Fryslannen wer op makronivo oerlizze en gearwurkjen gean yn it ramt fan de ynter-Fryske gearwurking.

De deputearre seit dat in ynter-Frysk parlemint wol passe soe yn in nije bestjoersakkoart. Sy sil it fia har eigen partij rinne litte en sil guon minsken wat ûnder de earm meijaan.

Oanfolling Sytze T. Hiemstra:

Ik bin wiis mei de tasizzing, want de saak sleept al lang en wurdt hieltiten urginter. De Fryske Rie (ik sit der sûnt 2006 yn en gean ein 2022 ôf) moat him op syn taakomst beriede en kin op mikronivo as frijwilligersorganisaasje lang net alles mear oan. In ynter-Fryske



De Ried fan de Fryske Beweging hat gjin belangstelling foar de Friezen en it Frysk oan de oare kant fan de steatsgrins en dêr 'mei ik nét oer' ...

wurkgroep of in soarte fan ‘task force’ op makronivo soe in begjin meitsje kinne en komme mei in advys oan of organisaasjemodel fan in Opstalsbeamparlemint foar de trije Fryslannen. Tûke tinkers dêr’t ik de saak by op it aljemint brocht haw en ek posityf binne: dr. IJssennagger (FA), dr. Han Nijdam (FA en *Fryske Rie*), Arno Ulrichs (boargemaster yn East-Fryslân en aktyf yn de *Ynterfryske Rie*), Wolter Jetten (East-Fryslân en aktyf yn de *Jungfräiske Mäinskup* dêre). Yn Noard-Fryslân/Nordfriesland haw ik it plan in skoft lyn op it rabat brocht by dr. Chr. G. Schmidt (direkteur Nordfriisk Instituut) en Thede Boysen (Referent und Projektgruppenleiter bei Ministerium für Arbeit, Verkehr und Technologie. Ministerium für Wirtschaft, Verkehr Arbeit, en aktyf yn de Fryske Beweging dêre). Der binne grif mear saakkundige lju te finen.”

- 23 sept. 2022: stipe fan Arno Ulrichs (foarsitter Sekje East fan de Ynterfryske Rie) foar in ynter-Frysk kultuerparlemint (ornearre foar deputearre Poepjes)

“Van: Arno Ulrichs <aulrichs@ihlow.de>

Verzonden: vrijdag 23 september 2022 14:23

Aan: secr_gs_poepjes <secr.gs.poepjes@fryslan.frl>

Onderwerp: Anregung für ein interfriesisches Kulturparlament

Sehr geehrte Frau Deputierte Poepjes,

wir kennen uns von einem Treffen des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe, die vor vier Jahren in Berlin im Bundesinnenministerium stattgefunden hat.

Schon damals gab es Überlegungen, ein interfriesisches Kulturparlament einzurichten, zu dem Vertreter aus Ost- und Nordfriesland in Deutschland, aber auch aus der Provinz Fryslân gehören sollten. Wegen der Corona-Pandemie konnten diese Überlegungen nicht weiterverfolgt werden.



Mei deputearre Sietske Poepjes foel better te praten oer in ynter-Frysk Opstalsbeam-parlemint as mei de Ried fan de Fryske Beweging.

Anlässlich des Friesenkongresses am vergangenen Wochenende in Dokkum sprach mich Sytze Hiemstra noch einmal zu dieser Idee an, von der ich nach wie vor überzeugt bin.

Sollten auch Sie die Einrichtung eines interfriesischen Kulturparlaments grundsätzlich für wünschenswert halten, könnten wir in Kürze in einen organisierten Abstimmungsprozess gehen, wie ein solches 'Parlament' aussehen könnte (Aufgaben, wer nimmt teil, ...).

Für eine erste Reaktion wäre ich Ihnen sehr dankbar.

Freundliche Grüße

Arno Ulrichs

Vorsitzender der Sektion Ost des Interfriesischen Rates"

- 29 sept. 2022: in reaksje fan de Provinsje (deputearre Poepjes) op 29 sept. 2022 (e-post):

"RE: Anregung für ein interfriesisches Kulturparlament 29. September

2022, 12:02 Uhr

Von secr_gs_poepjes

An Arno Ulrichs

Sehr geehrte herr Ulrichs,

Sietske Poepjes wahr sehr überrascht und zufrieden mit Ihrer Mail, vielen dank dafür. Derzeit ist ihre Agenda sehr voll aber etwas später im Jahr können wir sicherlich darüber sprechen.

Wir werden mit einem möglichen Datum darauf zurückkommen.

Herzliche Grüße

Jacqueline Swart"

- 13 des. 2022: fersyk om stipe foar it oprjochtsjen fan in ynter-Frysk kultuerparlemint oan drs. A.A.M. Brok, kommissaris fan de Kening yn Fryslân

It fersyk fan my is opnommen yn *Nij Frisia* (nû. 3, hjerst 2023, s. 5, 6) en nim ik hjir net op 'en nij op.

- 4 okt. 2023: fraach oan kommissaris Brok oer de fuortgong by it oprjochtsjen fan in ynter-Frysk kultuerparlemint

Oan: Persoonlijk medewerker CdK Brok <persoonlijk-medewerkercdkbrok@fryslan.nl>

Ûnderwerp: foar drs. A.A.M Brok, kommissaris fan de Kening, Ljouwert: Nij Frisia, nû. 3, hjerst 2023: ynter-Frysk kultuerparlemint

Foar: drs. A.A.M Brok, kommissaris fan de Kening yn Fryslân

Rju achte kommissaris Brok,



Arno Ulrichs, boargemaster fan Ihlow (East-Fryslân/Ostfriesland, Dsl.) en foarsitter fan de Sekje East fan de Ynterfryske Rie, stipet it Opstalsbeamparlemint fan herten (foto: Imke Cirksena).



Kommissaris fan de Kening drs. Arno Brok (midden mei reade strik), sprekker by de Opstalsbeam-betinking 2023. Rjochts fan him Arno Ulrichs (mei map) en dêrtusken yn op de eftergrûn dr. Oebele Vries. Vries hat dêr sprutsen oer it jier 1323 doe't de wilkerren fan de Opstalsbeam oannommen waarden. Dêr stiet yn beskreaun dat de Fryske lannen inoar helpe soene mei liif en goed as der driging fan bûtenôf kaam (Rahe by Au[w]jerk/Aurich, 30 maaie 2023, foto: S.T. Hiemstra).

Hjirby ta kundskip *Nij Frisia*, nû. 3, hjerst 2023, mei omtinken foar it oprjochtsjen fan in ynter-Frysk kultuerparlemint en jo krewearjen dêrfoar.³ Dêr bin ik wiis mei.

Is der fan dat 'front' al wat nijs te melden? Dan soe ik dat út soarte graach witte wolle. Fan Arno Ulrichs haw ik koartlyn fan datoangeande ek wat heard oer in kommand ynter-Frysk digitaal oerlis. Tige benijd.

Op www.ffu-frl.eu binne by 'publikaasjes' sûnt 2010 folle mear nûmers fan *Nij Frisia* te lêzen, ek mei omtinken foar dat ûnderwerp.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,
Sytze T. Hiemstra (redakteur Nij Frisia en âld-bestjoerslid fan de Fryske Rie)

- 6 okt. 2023: reaksje fan de provinsje Fryslân (e-post: Harmen Akerboom)

Fan: Akerboom, Harmen <akerboom@fryslan.frl>

CC: Persoonlijk medewerker CdK Brok

Oan: ffupost@hotmail.com

Achte hear Hiemstra, bêste Sytze,

Dyn fraach oer de stân fan saken oer it ynter-Frysk kultuerparlemint is fia it kabinet fan de hear Brok by my telâne kaam.

It klopt dat wy dwaande binne om mei de hearen Ulrichs en Dijkstra in oerlis yn te plannen oer harren kreative ideeën en plannen. Dêrby wolle wy ek graach witte wat de rol fan de provinsje is, de wurklist, de dielnimmers ensfh. Ik haw de hear Ulrichs begjin july noch troffen, doe hawwe wy it ek mûnling al even koart bepraat. Út soarte sjogge wy dat in ynter-Frysk kultuerparlemint in moai foarnimmen is, mar jo kinne soks mar ien kear foar de earste kear organisearje. It inisjatyf leit yn Dútslân, mar as Westerlauwersk Fryslân hawwe wy wol de soarch oer in goede tarieding en sinfolle beslútfoarming. Sa'n treffen moat fertuten dwaan, sadwaande wolle wy dy tarieding en harren plannen goed trochprate. Spitigernôch avesearre it finen fan in gaadlik tiidstip net sa bot, mar ein novimber stiet dat no yn ús bûsboekjes.

Ik tidigje derop dy sa earst foldwaande ynformearre te hawwen.

Mei freonlike groetnis,

Harmen Akerboom
Opjefteamazjer Taal en Kennis
Twibaksmerk 52 (besikersadres)
06 41 33 54 84 Keamer 6.00
akerboom@fryslan.frl
Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert
Wurkdagen mo-to www.fryslan.frl

Foarriedige konklúzje

Der komt dus wat *beweging* yn de saak en ik wie wiis mei de positive reaksjes fan deputearre Poepjes en Arno Ulrichs. Soks kin helpe. Ik bin út soarte tige ûntefreden oer it Deistich Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. Dêr siet gjin 'beweging' yn en hat myn fraach om stipe ek nea foarlein oan de saneamde *Grutte Ried*, dy't winliken it eigentlike bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging is, en dat hie neffens my wol moatten by sa'n wichtige kwestje. It is beskamsum, mar anst mei in fernijd Riedsbestjoer kin dat hooplik noch feroarje. Tiden hawwe ommers tiden. In aksje fan de *Jongfriezen* soe my ek tige wolkom wêze, want it keallet by guon swier ...

Drachten, 7 nov. 2023

³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/230913.def.NF-3-2%202.22.MBcompressed.pdf>.

De sichtberens fan it Frysk: 'Us skoallen binne wer begûn'

Sjoerd Groenhof*



De Jongfriezen hawwe sukses mei harren aksjes

Jongfryske Mienskip: Oanfalsplan fergruptsjen sichtberens Fryske taal en identiteit yn Fryslân (maart 2022; foto: JFM).

 **Sjoerd Grienhof** (— 37 —)
@SjoerdGrienhof

Om Sichtberens fan Fryske taal te fergruptsjen brocht @Jongfriezen yn 2022 in boekje út. Oanbefelling 3 wie om de spandoeken 'De scholen zijn weer begonnen' fan @VeiligVerkeer ek yn de Fryske taal beskikber te stellen. Mei help @provfryslan is it slagge. 🙌
nationaleonderwijsgids.nl/basisonderwijs...



03 sep. 23 om 15:08 · 8 Weergaven

Boarne: Sjoerd Groenhof, 3 sept. 2023 (e-post)¹

¹ Sjoch foar it Jongfryske 'Oanfalsplan fergruptsjen sichtberens Fryske taal en identiteit yn Fryslân' ek *Nij Frisia*, jrg. LXXI, nû. 2, simmer 2022, s. 9-20: http://ffu-fri.eu/PDF/220620_def.nijfrisia2-22compress-3.8MB.compressed.pdf.

NOG Campagne 'Onze scholen zijn weer begonnen' nu ook in het Fries - 30 augustus '23

Met subsidie van de provincie Fryslân konden gemeenten dit voorjaar naast de welbekende 'Onze scholen zijn weer begonnen' spandoeken ook de Friese variant 'Us skoallen binne wer begûn' als spandoek of sandwichbord bestellen. Dat meldt Veilig Verkeer Nederland.

De Friese variant kom je tegen in de gemeenten Achtkarspelen, Fryske Marren, Noardeast-Fryslân, Opsterland, Smallingerland en Tytsjerksteradiel en de Waadhoeke. Andere gemeenten bestelden ook nieuwe Nederlandse spandoeken. Ook heeft een aantal gemeenten voor scholen spandoeken besteld, zodat ook daar goede aandacht is voor een veilige start van het nieuwe schooljaar.

Social media

Heb je social media? Dan is de kans groot dat je ook daar berichten tegenkomt over de campagne. Niet alleen vanuit VVN maar ook gemeenten doen volop mee!

Door: Nationale Onderwijsgids



Klik op: [Campagne 'Onze scholen zijn weer begonnen' nu ook in het Fries \(nationaleonderwijsgids.nl\)](http://nationaleonderwijsgids.nl).

No oare gemeenten noch!

* Sjoerd Groenhof (1963) wennet op 'e Harkema en is bestjoerslid fan de Jongfryske Mienskip.

Moat de flagge ek healstôk foar de Ljouwerter Krante en de Bewegingsried?

dinsdag 21 februari 2023 ■■■ LEEUWARDER COURANT

INGEZONDEN

Reflex van 'wij tegen zij'

podium 19

Als lezer van de LC mag je goed geïnformeerde journalistieke arbeid verwachten in zaken die Friesland en het Fries aangaan. Zeker wanneer het om mogelijke kuiperijen gaat die te maken hebben met de besluiten van de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) om in eerste instantie geen hoogleraar Fries aan te stellen.

Wanneer de Jongfryske Mienskip dan WOO-verzoeken (Wet Open Overheid) doet om duidelijkheid te krijgen, verwacht je journalisten die beschaamd in de hoek van de gemiste kansen gaan zitten. Niets is minder waar. Zowel in de bijdrage

van Pieter de Groot (LC 10 februari) als die van Rimmer Mulder (LC 17 februari) worden er verdachtmakingen richting deze Mienskip gemaakt. In beide gevallen merk je het ongemak bij het vraagstuk van identiteit.

Nu komen beide heren uit de tijd waarin goed tegenover fout stond. Het was het een of het ander. Bij het opkomen voor eigen identiteit is dat een bekende reflex: wij tegenover zij. Dat inmiddels duidelijk is dat dit zelfs in de Tweede Wereldoorlog niet zo zwart-wit was, is hun blijkbaar ontgaan. Daarmee diskwalificeren zij hun bijdragen.

Dat bijvoorbeeld een biertje drinken met Poetin je nog geen aanhanger maakt van zijn regime, behoeft geen uitleg, of misschien juist wel.

In plaats van de hand in eigen boezem te steken over het journalistieke falen, zou het aanbrengen van nuance en uitleg beter passen bij de hedendaagse taakopvatting van de krant. Anders word je al gauw een tweede nu.nl, met oppervlakkige verdachtmakingen om eigen feilen te maskeren.

Herman J. van Vliet. Doezum

Herman J. van Vliet is de betinker fan de flagge-aksje by de RUG en leit ek de finger by de ynsinuaasjes en oare tekoartkommings fan de Leeuwarder Courant.

De Jongfryske Mienskip (JFM) hie in WOO-fersyk yntsjinne oer in heechlearaar Frysk by de RUG en kritisearre de neo-liberale en diskriminearjende wyn dy't troch de Universiteit fan Grins waaite: "Ynklyusy? Nee bear, de Universiteit Grins seit anno 2023 noch leaver 'Verboten für Friesen!'" It JFM-bestjoer hie dêrom in WOO-fersyk Wet Open Overheid, foarhinne: Wet Openbaarheids Bestuur, koartwei: WOB) yntsjinne by de universiteit en alle belutsen organisaasjes en oerbeden.¹

In flagge-aksje yn Grins en ferset tsjin ûnderdrukking fan it Frysk

Op in oar plak yn dizze *Nij Frisia* jouwe wy omtinken oan in ferslach fan Seye Herke Brinkman oer in nachtlige flagge-aksje foar it behâlden fan in heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan de Grinzer Universiteit (RUG). Dat wie wol nedich. Ek ien as de nije Tresoar-direkteur Arjen Dijkstra hie in 'hiel akelich gefoel' oer de situaasje oan de RUG en mocht him fan guon âldkollega's en bestjoerders oan de RUG net oer de kwestje útsprekke!²

De ûnfrede fan bygelyks de JFM, de Tresoar-direkteur, de âld-heechlearaar Frysk Goffe Jensma en gâns oaren is dus grut en absolút gjin reden ta positivisme. Guon sjoernalisten en âld-sjoernalisten skine de djippte en omfang fan dat fielen net goed te begripen en hiene ek muoite mei it Dútsktalige 'Verboten für Friesen', want dat rôp by harren negative assosjaasjes op. Hie it Hollânsktalige advys fan in ûnderwiisynspekteur yn 1816 om yn de skoallen 'het vriesch boersch niet te gedogen' better en suverder klonken?³ It is it begjin fan alle taalûnderdrukking yn it ûnderwiis en dêrbûten. En dat is ek goed twa iuwen letter noch lang net ferdwûn, ek net mei saneamde 'positive' aksjes.

Bearend Joukes Fridsma

Oer de te freonlike striid tsjin dy diskriminaasje hie in Jongfries as Bearend Joukes Fridsma sa'n 30 jier lyn jitte al in skalk each. Hy seach dy striid as "[...] te nuet, te saaklik en te organisatoarysk [...]. Men soe de beweging gâns mear aventoer, fantasij, radikalisme en aktivisme tawinskje. Der soe by it oankloppen yn De Haach folle

mear klam lein wurde moatte op de rjochten fan de minsken en de misdiedigens fan de aloanboazjende genoside.”⁴ Prof. dr. Fridsma lêst dy ‘beweging’ it leksum oer har sloppens en sleauwens. En Fridsma hie rjocht fan praten neffens in tige respektarre Fryske en Frysk-sinnige doomny lykas dr. Bernard Smilde. Sels yn 2023 foldocht ek de Ried fan de Fryske Beweging noch net oan syn easken.

De Ljouwerter Krante en de striid foar it Frysk

Sa kin men dus likegoed sjen nei de kommentaren fan guon *LC*-sjoernalisten en ‘bewegers’ op it taalgebrûk fan de JFM. Yn de foarige *Nij Frisia* (s. 4) hat Piter Dykstra ek al wat sein oer harren tige iensidige en tekoartsjittende analyse.

Maria Del Grosso

Ien fan harren, Maria Del Grosso, wurket as ferslachjouster by dy krante en kin it wól lykfine mei de WOO-aksje fan de JFM, mar hja leit wekker fan it parseberjocht fan de JFM, want de RUG wurdt dêryn beskuldige fan diskriminaasje fan it Frysk en de Friezen en fetet dat ek noch mei trije wurden yn it Dútsk gear. Dat assosjearret se mei de Twadde Wrâldoarloch. Hja achtet dat net in ‘positive insteek’ en jout foarbylden fan neffens har wól ‘te waarden’ aksjes fan oaren.⁵ Dat ‘positivisme’ achtsje wy dochs ryklik nayf en hat in nochal iensidich en selektyf karakter. Prof. Fridsma hie dat dochs better yn ‘e rekken mei syn ‘oanboazjende genoside’.

Pieter Jan de Groot

Neffens Pieter Jan de Groot gie it om sensaasjesucht fan fiif bolbjirken ‘Opperteurs’, dy’t har “[...] slim misdroegen troch mei in soad nasjonalistyske bombaarje pas nei moannen alarm te slaan mei in Wet open overheid-fersyk [...]”⁶ In efterhelle fersyk? Jitris, de negative ûnderfinings fan âld-RUG-meiwurker en Tresoar-direkteur drs. Arjen Dykstra en de eardere heechlearaar Frysk oan de RUG, prof. dr. Goffe Jensma en oaren, wize alhiel net yn dy rjochting.

De Groot daget de *Ried fan de Fryske Beweging* út om ek wat te finen fan de aksje fan de JFM. En dy trapet yn de falle fan it antysemitisme mei in bolbjirken reaksje: “It bestjoer fan dy Ried distansjearret him mei klam fan de diskriminearjende en antysemityske útspraken fan de Jongfryske Mienskip [...]” (*It Nijs*, 09-02-2023). En yn in *Te Gast* fan 14 sept. jout deselde Ried oan it in goede aksje te finen, mar kjel te wurden fan dat ‘Verboden für Friesen’. Dat wie “[...] der fier by troch.” [...] en

“[...] wy stride foar it Frysk, leafst op in positive en fatsoenlike manier.”⁷ Ja, ja ...

Rimmer Mulder

Rimmer Mulder, âld-haadredakteur fan de *LC*, en in grutmester yn de frije assosjaasje, wit ek noch in oar ferbân te betinken, nammentlik dat mei deadsbedrigings oan it adres fan de skriuwer Pim Lammers op de site fan *Civitas Christiana*, in katolike organisaasje dy’t opkomt foar kristlike tradysjes, it gesin en de frijheid fan Nederlân. Mulder fynt ek de sfear by de Ried fan de Fryske Beweging al ‘grimmig’: “Zo kunnen we op *It Nijs*, de nieuwssite van de Rie fan de Fryske Beweging, regelmatig lezen dat we een onderdrukte, gediscrimineerde taal-minderheid zijn. En dat onze kinderen het ‘grondrecht’ van onderwijs in de eigen taal wordt onthouden. Dat schrikt af om mee te praten over het Fries in het algemeen.”⁸ Ja, dy Rimmer is in moaiprater en organisator fan taalfestjes foar in ‘brede maatskiplike diskusje’ (BMD) oer it Frysk en dy sille anst wól fertuten dwaan?

¹ Ek oan te klikken op *It Nijs* (7 febr. 2023), ‘Jongfryske Mienskip tsjinnnet WOO-fersyk yn oer heechlearaar Frysk by de RUG’: <https://www.itnijs.frl/2023/02/jongfryske-mienskip-tsjinnnet-woo-fersyk-yn-oer-heechlearaar-frysk-by-rug/?fbclid=IwAR1WAwK74wrl94eSIQd6zQcXsSZzMj-JfXkRwR9GjOX6Qof3sKfimbLYnV6U>.

² Ek oan de klikken op *It Nijs* (9 febr. 2023): ‘Tresoardirekteur Dijkstra sprekt him út tsjin lieding RUG’: https://www.itnijs.frl/2023/02/tresoardirekteur-dijkstra-sprekt-him-ut-tsjin-lieding-rug/?fbclid=IwAR2Ku0KTKYkP-PIAF4TDu90-3W-3GePLednIXjRyHe_pCnN13TutY-vOsS1Yo.

³ Sjoch: Koen Zondag, *Lange oanrin, koarte sprong. Twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980* (Ljouwert: Fryske Akademy, 2011, s. 32).

⁴ Bearend Joukes Fridsma, *Nea ferbrutsen bân. 60 jier Fryske Aksje yn Amearika* (Ljouwert: De Tille, 1991, s. 6-8).

⁵ Maria Del Grosso (ferslachjouwer *LC*), ‘Vecht voor het Fries, maar hou het positief’ (*LC*, *Te Gast*, 8 febr. 2023, s. 19): <https://lc.nl/opinie/Strijd-voor-het-Fries-maar-hou-het-positief-28229199.html>.

⁶ Pieter Jan de Groot, ‘Opperteurs’ (*LC*, kollum DWERS, 10 febr. 2023, s. 28): <https://lc.nl/cultuur/Opperteurs-Kollum-Pieter-de-Groot-28231641.html>.

⁷ Nynke Beetstra (skiuwster Ried fan de Fryske Beweging), ‘Wat fynt de Ried fan de Fryske Beweging?’ (*LC*, *Te Gast*, 14 febr. 2023, s. 19): <https://lc.nl/opinie/Wat-fynt-de-Ried-fan-de-Fryske-Beweging-derfan-opiny-28240231.html>.

⁸ Rimmer Mulder, ‘Betrekk meer Friezen bij Fries taalbeleid’ (*LC*, *Opinie*, 17 febr. 2023, s. 19): <https://lc.nl/opinie/Betrek-meer-Friezen-bij-Fries-taalbeleid-opinie-28248146.html>.

Mulder skriuwt sels yn de *LC* altiten Hollânsktalige opynystikken, dy't dan grif ek net diskriminearjend foar ús taal wurkje. En hy kin *It Nijs* ek net goed lêze, want yn syn opynystik moat Ried syn d misse. Ûnkunde of in bewuste foarm fan taalkastraasje? Alles kin fansels as it op frije assosjaasje oankomt ...

Jehannes Elzinga: Mulder syn wurkwize is 'framing' fan in tsjinstanner

Dr. Jehannes Elzinga út Frjentsjer karakterisearret de wurkwize fan Rimmer Mulder as in typysk gefal fan 'framing'. Elzinga hat neffens ús de keutel by de skjinne ein. Wy jouwe dêrom hjirûnder inkelde parten fan syn ynstjoerd stikje op *It Nijs* (24-02-2023) wer:

"Framing is it skansearjen fan jins tsjinstanner troch it jaan fan suggestive, kleure ynformaasje. In sterk foarbyld dêrfan sjogge we yn in Te Gast fan Rimmer Mulder (LC, 17-02-2023). Yn dat stik bringt Mulder Jenny Douwes, foarfrou fan de Jongfryske Mienskip, yn ferbân mei de oerkonservative katolike organisaasje Civitas Christiana. Dy organisaasje is in betse begûn tsjin de skriuwer Pim Lammers, dy't in opdracht om in gedicht te skriuwen foar de Berneboekewike weromjoech doe't er deadsbedrigingen krige om't er pedofyl wêze soe. Ek al beskuldiget Mulder Jenny Douwes dêr net streekryocht fan, hy suggerearret wol dat se dêrmei te krijen hat. In typysk gefal fan framing, en dat is nê't de earste kear.

Ik wol de lêzers wer yn it sin bringe dat Mulder yn de LC op 16 novimber 2018 ek alris besocht hat om Jenny Douwes (en dêrmei de Jongfryske Mienskip), troch de aksje foar de blokkearfriezen, yn ferbân te bringen mei

ryochtsektremisten as Wilders en Bosma. Hjir is dus sprake fan framing en, sjoen de werbelling, fan stalking. Mulder keppel doe Frysksinningens filein oan rasisme en no besiket er in keppeling te lizzen tusken de JFM en antysemitisme, troch te referearjen oan de útspraak fan de JFM: 'Verboten für Friesen' yn de wjeraksel fan de RUG om in nije beechlearaar Frysk te beneamen. [...]

By einsluten kriget It Nijs in feech. De Ried fan de Fryske Beweging soarget neffens Mulder foar in 'grimmige' sfear troch syn stribjen nei emansipaasje fan it Frysk. Nee, dan it stribjen fan Mulder syn 'leafdespoppe', de Brede Maatskiplike Dialooch (BMD). Al jierren is Mulder dwaande mei syn stifting in BMD ta stân te bringen oer de takomst fan it Frysk. Hy besiket om de polityk dêr waarm foar te krijen, mar nettsjinsteande moaie wurden fan deputearre Sietske Poepjes is dat projekt noch net fierder kommen as in proefprojekt yn Oenetsjerk. Dat proefprojekt wurdt troch Mulder sjoen as in grut sukses, in reden foar in Taalfeestje in wike of wat lyn by de oanbieding fan it ferslach oan Poepjes foar in groep pommeranten. Om dat projekt troch de provinsje út te rôljen soene smiten euro's nedich wêze. Ik tink dat dat jild better bestege wurde kin oan goed Frysk ûnderwiis yn stee fan oan in dizige BMD."

Flaggen wer healstôk?

Hawar, as der wer flaggen healstôk moatte, dan ek mar ris foar de *Leeuwarder Courant* en de hjoeddeistige *Bewegingsried*? Herman J. van Vliet sil der grif gjin beswier tsjin hawwe ...



⁹ Klik op: *It Nijs* (ynstjoerd, 24 febr. 2023), Jehannes Elzinga (Frjentsjer): 'Framing Jenny Douwes en de Jongfryske Mienskip': <https://www.itnijs.frl/2023/02/framing-jenny-douwes-en-de-jongfryske-mienskip/?fbclid=IwAR0u9v6Q8LcKxY4vVcNLn5fZRfzfPbRvclO43IMSuWxdPHowcQJ3KmhZTQ>.

Herman van Vliet kriget syn masterbul oan de RUG (25 maaie 2023)

Seye H. Brinkman, Sjoerd Groenhof & Sytze T. Hiemstra

Op 25 maaie 2023 is Herman van Vliet Master of Arts (MA) wurden oan de Ryks Universiteit fan Grins (RUG). De útrikking fan de bul wie om 16.25 oere. Syn masterskripsje hannele oer in Frysk skiednisûnderwerp: de rol fan iten en drinken yn de politike kultuer fan it Fryske steedhâlderlik hôf yn de earste helte fan de 18^{de} iuw. Fia trije persoanen dy't oan it hôf fan Willem IV (1711-1751) ferbûn wiene, in hortulanus (behearder fan in botanyske tún), in sjef-kok en in hofdame, lit er sjen hoe't de steedhâlder prestiizje ûntliende oan in goede ytkultuer.¹ Herman van Vliet is sels ûndernimmer en hâldt him dwaande mei it ferkoarstjen fan fiedselstringen.

Van Vliet makket dúdlik dat it Fryske steedhâlderlik hôf in 'trendsetter' wie yn syn tiid, ûnder mear troch in goed betelle Frânske sjefkok yn tsjinst te nimmen. Ien fan gerjochten wie *poulets de vendredi à la Frisonne* – Fryske hin op freed – in gerjocht dat winliken hielendal neat mei Fryske produkten te krijen hie. In opfallend detail dêrby is dat it gerjocht net ienris hin befette, want freed wie nammentlik in fêsteldei en dan waard der gjin fleis iten.

De hortulanus fan it hôf, Johann Hermann Knoop, hie de soarch oer Mariënburg, in grut tunekompleks fol mei grientetunen en fruitbeammen. It lei yn Ljouwert op it plak dêr't hjoed-de-dei it gebou fan de *Ljouwerter Krante* te finen is. Knoop yntrodusearre ek de seane ierappel by it Fryske hôf en dat wie yn dy tiid allinne foar de adel ornearre. Al dat djoere iten soarge by sokke eallju ek foar in reade holle en trije (ûnder)kinnen en dan waarden se net âld. Hjoed-de-dei is dat krekt oarsom en libje earmere minsken gauris net al te sûn. Djoer iten wie no ienris fan grut belang om macht en prestiizje sjen te litten.²

De útrikking fan de bul wie in tige feestlik barren

De oankomst by de RUG krige in ekstra feestlik tintsje mei in sjeas en Fryske hynders. Frâns Koning fan restau-



Frâns Koning (rjochts) fûstket mei Herman van Vliet (lofts) foar de yngong fan de Ryksuniversiteit fan Grins (foto: Seye H. Brinkman).

¹ Op 8 juny 2023 wie dêr in minysymposium organisearre troch it Keninklik Frysk Genoatskip yn gearwurking mei de RUG Campus Fryslân mei in duolêzing troch Iris Witzenburg en Herman van Vliet oer de rol fan iten en drinken yn de politike kultuer fan it Fryske steedhâlderlik hôf yn de 17^{de} en 18^{de} iuw: <https://www.itnijs.frl/2023/05/minysymposium-oer-iten-en-drinken-op-tongersdei-8-juny/>.



² Jente Jurre Klein, 'Hoe voedsel de Friese stadhouders betekenis gaf' (*LC*, freed 9 juny 2023. fryslân, s. 21).

³ *Fryske riuwe*: in heaharke mei 23 tinen (lange, tinne toskenen); in *Grinslanske riuwe* hat 16 tinen.



Frâns Koning (rjochts, mei hege hoed) stiet mei Joeke van der Heide (lofts) en Seye Herke Brinkman (midden) by de sjeas dy't Herman van Vliet nei de universiteit bringt (foto: Sjoerd Groenhof).

rant *De Koningshof* (no: *Hof van de Koning*) op It Hearrenfean wie dêrby yn passende Fryske klaaiïng út dy tiid.

Jetze, de soan fan Herman van Vliet, hie oan Seye Herke Brinkman (út Skûlenboarch, in buorskip yn Tytsjerksteradiel) ferteld dat er om 16.00 oere yn Grins wêze moast om de diploma-útriking fan syn heit by te wenjen. Jetze moast dus wat earder fuort fan syn wurk. Hy hie fan syn heit



Herman van Vliet (rjochts) en Frâns Koning (lofts) hâlde de beide Fryske hynders foar de sjeas fêst (foto: Sjoerd Groenhof).

heard dat dy earder oan de konsjerzje te witten dien hie dat as er ea slagje soe, dat er dan yn Frysk kostúm en mei in Frysk hynder syn bul ophelje soe. Dat Brinkman tocht: "Dan moatte wy de man yn Grins mar efkes in waarm wolkom jaan." Syn famylje en oare kunde wisten fierders fan neat.

Brinkman ferfettet: "Ik hie Joeke van der Heide, ek fan Skûlenboarch, frege om mei te gean. Wy hienen elts in Fryske riuwe³ by ús en dêr in Fryske flagge oan fêstmakke. De flagge wer in pear slaggen om de riuwe wine en dy kant út. Wy moasten al wat hurdhastich om't se hjir en dêr mei de wei oan 'e gong wienen, mar hawar, trochsette ... Komme we yn 'e binnenstêd, steane der allegearre skrikstekken, dat Joeke sei: 'Hjir meist net ynriede.' Ik andere: 'Hjoed sil it wol moatte, oars binne wy te let!' Dat derom hinne en sa de Kijk yn it Jatstrjitte yn. En troch in klofte folk en fytsen en dan steane wy mei ús buske flak foar de RUG yn Grins. Ik doch it rút del, seach Jetze van Vliet stean en sei: 'Hoe liket it, binne we op 'e tiid?' En Jetze wiisde nei foaren dat syn heit dêr yn 'e fierte oan kaam te riden, in frommes yn Frysk kostúm hie de leie yn 'e hannen.

Wy staptten hurdhastich út, klep iepen, beide riuwen derút, de flaggen ôfwikkelje en elts oan in kant fan de wei stean. Krekt 10 tellen yn 't foar stienen we te plak en doe kaam de sjeas mei it span Fryske hynders ûnder de flaggen troch. Frâns Kening stie hofflik klear om Herman van Vliet te begelieden. Der stie wat folk dat spon-

taan in pear rigels fan it Frysk folksliet begûn te sjongen. Minsken kamen as miggen op ús ta, wy hienen beide in kreas wyt boesgroen oan mei in Fryske flagge op 'e rêch-kant. Dat doe wie in saak fan foto's meitsje, fûstkje en fansels Herman lokwinskje. Doe wie it tiid om mei syn oanhing en famylje nei binnen te gean foar de plechtichheid."

Herman van Vliet is ek tige Fryksinnich

Herman van Vliet is ek o sa Fryksinnich en in man fan aksje. Yn *Nij Frisia* (nû. 2, simmer 2023) hawwe wy earder omtinken oan him jûn yn in ferslach dat Seye Herke Brinkman makke hat fan in flagge-aksje om de lêste heechlearaar Frysk. De oanlieding kaam by Herman van Vliet wei. Brinkman fertelt yn dat artikel: "Ik waard op freed 25 novimber 2022 skille troch Herman van Vliet út Doezum (Grinslân) mei de fraach om de Fryske flagge by de RUG yn Grins healstôk te hingjen. Herman van Vliet is in Fries om utens dy't op 64-jierrige leeftyd noch in stúdzje Fryske skiednis docht en dêr al 13 jier mei dwaande is. De man hat ek in omboude elektryske bestelbus dêr't er Frysk iten mei oan 'e man



Seye Herke Brinkman (rjochts) en Joeke van der Heide (lofts) stekke fan efteren harren Fryksinnigens ek net ûnder stuollen en banken (foto: Sjoerd Groenhof).



Herman van Vliet MA (rjochts), Joeke van der Heide (midden) en Frâns Koning (lofts) hâlde jimmeroan ús pompeblêden heech (foto: Sjoerd Groenhof).

bringt. Hy set him benammen yn foar de readbûnte Fryske kij, troch it fleis dêrfan as 'Fryske burgers' oan 'e man te bringen om sa it ras yn stân te hâlden en trunet de boeren oan om dy kij oan te hâlden en dêrmei te fokken, sadat it tal wer tanimt. Yn alle gefallen, ik ken dy man en hy skille my mei de fraach oft ik ree wie foar in aksje by de Ryksuniversiteit fan Grins, om't dy RUG net sa bot syn bêst docht om in nije heechlearaar Frysk oan te stellen."⁴

Dy flagge-aksje hat gâns reaksjes útlokke yn ûnderskate media. Dêr jouwe wy ek omtinken oan op in oar plak yn dizze *Nij Frisia* en dan benammen oan it WOO-fer-syk fan de *Jongfryske Mienskip* om mear iepenheid te krijen oer de gong fan saken om de beneaming fan in nije heechlear Frysk. Yn in yn de *Ljouwerter Krante* opnommen ynstjoerd stikje fan Herman van Vliet mei as opskrift "Reflex van 'wij'tegen zij'" leit er de finger by de ynsinuaasjes en oare tekoartkommings fan dy krante (*LC*, 21-02-2023, podium, s. 19).⁵

Wy hawwe grut respekt foar it krewearjen en trochsettingsfermogen fan Van Vliet en jouwe dêr jerne omtinken oan yn ús blêd!

Tige lokwinske, Herman!

⁴ Seye Herke Brinkman, 'Striid om de lêste heechlearaar Frysk', *Nij Frisia*, nû. 2, simmer 2023, s. 9-11.

⁵ 'Moat de flagge ek healstôk foar de *Ljouwerter Krante* en de Bewegingsried?', *Nij Frisia*, nû. 4, winter 2023, s. 10-12.

Ried fan Europa: aksje nedich foar Frysk yn rjochtbank en op universiteit

Nederlân moat sa gau mooglik risselwaasje meitsje om de posysje fan it Frysk yn 'e rjochtbank en yn it ûnderwiis te ferbetterjen. Dat skriuwt de Ried fan Europa yn in kritysk rapport oer it neilibjen fan it Europeesk Hânfest foar regionale en minderheidstalen troch Nederlân.¹

Neffens de Ried fan Europa is it plak fan it Frysk yn 'e rjochtbank en op 'e universiteit de lêste jierren efterút buorke. Friezen dy't foar de rjochter komme, moatte altyd de mooglikheid hawwe om Frysk te praten, sa stiet yn it rapport.² Yn it gefal dat soks problemen opsmyt, soe der altyd in profesjonele tolk beskikber wêze moatte. Yn 'e praktyk wurde dy tolken al sûnt de hjerst fan 2021 net of amper ynhierd, fanwegen in skeel tusken de tolken en it ministearje fan Justysje oer harren fergoeding.

De Ried is fierder fan miening dat Fryskpratende minsken de kâns krije moatte om mei te praten oer it nije *Bestjoersakkoart Fryske Taal en Kultuer*. Op it stuit binne amtners fan provinsje en Ryk oer in nij bestjoersakkoart yn petear. De petearen wurde efter tichte doarren fierd. Neffens de Ried fan Europa kin dat proses wol wat transparanter. De Ried stiet der by Ryk en provinsje op oan om ek fertsjintwurdigers fan Fryskpratens by dy petearen te beheljen.

It plak fan it Frysk op 'e universiteit freget neffens de Ried fan Europa om 'in strukturele oplossing en in foltiidse heechlearaar'. It wol of net beskikber wêzen fan it Frysk by de Ryksuniversiteit Grins, soe neffens de Ried fan Europa net ôfhinklik wêze moatte fan in Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK), dêr't alle fjouwer jier op 'en nij oer ûnderhannelje wurdt. De Ried fan Europa skreau it advys foardat bekend waard dat Arjen Versloot foar twa dagen wyks as heechlearaar Frisistyk yn Grins oan 'e slach sil.

¹ Dit artikel is ek, yn hast deselde foarm, oan te klikken op *Omrop Fryslân* (Onno Falkena, freed, 10 febr. 2023): https://www.omropfryslan.nl/fy/njys/1195387/krityske-ried-fan-europa-aksje-nedich-foar-frysk-yn-rjochtbank-en-op-universiteit?fbclid=IwAR03y6QRgJRX6Ctldy8NzzrbNVrU1Ymbmc_vZ7h_vqQBtQ_U_SiNbERH1Xc. It is yn de Hollânske wjergader oernommen troch de NOS (ek op freed, 10 febr. 2023): [Kritische Raad van Europa: actie nodig voor Fries in rechtbank en op universiteit \(nos.nl\)](https://www.nos.nl/nieuws/2023/02/10/kritische-raad-van-europa-actie-nodig-voor-fries-in-rechtbank-en-op-universiteit).

It Europeeske Hânfest foar Regionale en Minderheidstalen, dat sûnt 1998 fan krêft is, wurdt om 'e trije jier troch in kommisje fan saakkundigen hifke. Foar Nederlân is op it stuit de Limboarchske René de Groot lid fan dy kommisje. Yn 'e simmer fan 2022 waard by de fisitaasje oan Fryslân neigien oft Nederlân oan alle ôfspraken yn it Hânfest foldocht en oft der sprake is fan foar- of efterútgong. Op 'e rjochtbank en oan de universiteit is neffens de Ried fan Europa sûnder twivel sprake fan efterútgong. Om dy reden stiet de Ried fan Europa der by Nederlân op oan om op dy ûnderwerpen fuortdaliks aksje te ûndernimmen.

Deputearre Sietske Poepjes seit dat se it byld weromken, oangeande de oanbefelling om it plak fan it Frysk yn 'e rjochtbank better te regeljen. "Op papier is it regele, mar yn 'e praktyk net. Wy moatte it dêr mei it regear oer hawwe." De deputearre hie ferline wike noch in petear op it ministearje fan Feiligens en Justysje oer it plak fan it Frysk yn 'e rjochtbank. Neffens frou Poepjes hiene net alle amtners by it Ryk de ynternasjonale ferplichtingen fan Nederlân foar it Frysk like skerp foar eagen. "Mar no wol. Ik haw der betrouwen yn dat it oan 'e ein fan it jier better regele is."

Frysk op skoalle

De *Ried fan Europa* is ek kritysk op oare ûnderdielen fan it Hânfest. It ûnderwiis yn it Frysk kin en moat in stik better. De Ried fan Europa jout dêr ek in rjochtline foar. Wol ûnderwiis yn it Frysk resultaat opsmite, dan soene basisskoallen eins op syn minst **trije oeren wyks** lesjaan moatte yn dy taal. Tritich oant sechstich minuten Frysk yn 'e wike, wat no by guon skoallen de praktyk is, is neffens de Ried net genôch. De Ried is ek fan betinken dat yn Fryslân alle skoalbern lessen oer de Fryske skiednis en kultuer krije moatte soene.³

Boarne: *It Nijs*, 11 febr. 2023



COUNCIL
OF EUROPE

CONSEIL
DE L'EUROPE

EUROPEAN CHARTER FOR REGIONAL OR MINORITY LANGUAGES (STRASBOURG, 8 FEBRUARY 2023)

The Netherlands should strengthen the use of Frisian, Limburgish and Low Saxon, and support Romanes and Yiddish

The European Charter for Regional or Minority Languages has published its seventh report on the Netherlands, highlighting how the use of Frisian, Limburgish, Low Saxon, Romanes and Yiddish should be strengthened. The report, which welcomes the on-going discussions on the extension of the Charter to Papiamentu/u, calls for an explicit reference to 'language' in Dutch equal treatment laws.

The report stresses the importance of guaranteeing the teaching in/of regional and minority languages in the school curriculum. Several shortcomings concerning teaching in Frisian are noted, especially at primary school level. The report also points out that the teaching in/of Low Saxon and Limburgish is not ensured at any level of compulsory education. Financial support is given to schools teaching Yiddish. Although Frisian can be used in judicial proceedings, there are difficulties regarding interpretation in criminal proceedings that must be addressed without further delay. The official adoption and use of bilingual place and street names should be further improved.

Frisian is present on radio, television, and occasionally in regional newspapers and magazines. Although several initiatives have been launched to encourage greater use of Limburgish and Low Saxon in the media, their use should be regulated through an amendment to the 2008 Media Act. Editorials are rarely published in Limburgish and Low Saxon in written media and there are no media published in Yiddish or Romanes.

The seventh evaluation report of the Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages is based on the information provided by governmental and non-governmental sources, including that obtained during its visit to the Netherlands in June/July 2022. The report has been published together with comments from the authorities. A summary is also available in Dutch.

Summary of the seventh Report of the Committee of Experts on the Netherlands adopted on 18 November 2022 (Dutch language version)

Samenvatting

Het *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden* trad in werking in het Koninkrijk der Nederlanden in 1998 en geldt voor de volgende talen: Fries, Limburgs, Nedersaksisch, Romanes en Jiddisch. ***Het Fries is de enige taal die wordt beschermd door Deel III van het Handvest.***

De Nederlandse Rijksoverheid heeft bestuurlijke overeenkomsten gesloten met lokale autoriteiten in gebieden waar het Fries, Limburgs en Nedersaksisch worden gebruikt. Het grootste deel van hun verantwoordelijkheid inzake de uitvoering van het Handvest is gedelegeerd aan provincies. Soortgelijke bestuurlijke overeenkomsten voor het Romanes en Jiddisch ontbreken. Op dit moment wordt besproken of het Handvest op het Papiaments/Papiamentu van toepassing moet worden.

Scholen in Nederland hebben in het curriculum veel vrije keuze in het gebruik van regionale talen of minderheidstalen als instructietaal of als vak. Ondanks dat het Fries aanwezig is op alle onderwijsniveaus en het *Taalplan Frysk* wordt uitgevoerd, *schiet het onderwijs in/van het Fries tekort*, met name in het basisonderwijs.⁴ Onder-

² Oan te klikken op: <https://www.coe.int/en/web/portal/-/the-netherlands-should-strengthen-the-use-of-frisian-limburgish-and-low-saxon-and-support-romanes-and-yiddish>.

³ Oan te klikken op: <https://www.itnijs.frl/2023/02/ried-fan-europa-aksje-nedich-foar-frysk-yn-rjochtbank-en-op-universiteit/?fbclid=IwAR1Oq4WhTrmemEYnLNFZA2-EbXEOWkP8d7fq7M8eonl8g4nGOyZpK2Qc3Gg>.

⁴ Klik ek op guon aktiviteiten fan de *Feriening Frysk Underwiis* foar it Frysk yn it ûnderwiis (op it webstek fan de FFU: [www.ffu-frl.eu](http://ffu-frl.eu)): [http://ffu-frl.eu/PDF/221008.\[2\].def.%20Besprek%20Taalplan%20Frysk.f.FFU-webst.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/221008.[2].def.%20Besprek%20Taalplan%20Frysk.f.FFU-webst.pdf); <http://ffu-frl.eu/PDF/220701-220622-FFU-briefoanRfEur.nfst.Ramtferdr.FFU-webst.pdf>; <http://ffu-frl.eu/PDF/220217-def.FFU-br.%20oan.Steaten.by.tah.brosj.Frysk.underwiisbelied.pdf>.



Prof. mr. Gerard-René de Groot (Stadskanaal, 1951) is in Nederlânske rjochtsgelearde en emearitus heechlearaar rjochtsferliking en ynternasjonale privaatrjocht oan de Universiteit Maastricht. Hy is sûnt 2016 lid fan it Komitee fan Eksperts fan de Ried fan Europa om tafersjoch te hâlden op it ymplementearjen fan it Hânfêst en hat yn dy funksje yn 2022 Fryslân besocht. Hy wiist derop dat it bygelyks mei it Frysk ûnderwiis al jierren net goed giet. Yn it foarige rapport fan 2019 waard dêr ek al melding fan makke. Neffens it Hânfêst moat op alle nivo's fan ûnderwiis Frysk oanbean wurde: fan bernedeiferbliuw oant en mei universiteit. Learlingen krije no wyks somtiden twa lesueren Frysk of noch minder oanbean. Fan de Ried fan Europa moatte dat op syn minst trije oeren wêze.

wijs is formeel gezien een prioriteit en sinds de ondertekening van de convenanten voor het Nedersaksisch en het Limburgs zijn er ook leermiddelen voor deze twee talen beschikbaar, maar het onderwijs in het Nedersaksisch en het Limburgs wordt op geen enkel niveau gegarandeerd in het verplichte onderwijs. Voorschools worden deze talen meestal niet gebruikt. Scholen met onderwijs over het Jiddisch krijgen financiële steun. Formeel gezien, komen bepaalde projecten gericht op het Romanes in aanmerking voor financiële steun.

Het *Fries* kan worden gebruikt in de rechtspraak op alle locaties van de arrondissementsrecht-bank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem Leeuwarden/Ljouwert, op voorwaarde dat de persoon die Fries wil gebruiken in de provincie Fryslân woonachtig, gevestigd of gezeteld is. Er is actie ondernomen om een einde te maken aan het tekort aan gerechtstolken Fries. Toch zijn er problemen rondom de beschikbaarheid van tolken voor strafzaken en *die moeten zonder verder uitstel worden aangepakt*.

Lokale en provinciale Friese autoriteiten zetten zich in voor verbetering van de *zichtbaarheid van het Fries* en stellen sprekers van het Fries in de gelegenheid hun rechten als burgers bij bestuurlijke autoriteiten en openbare diensten in het Fries uit te oefenen. Deze po-

sitieve ontwikkelingen verdienen navolging, met name als het gaat om het gebruik van tweetalige plaats- en straatnamen.

Het Fries is aanwezig op de radio, op televisie en soms in regionale kranten en tijdschriften. Er zijn diverse initiatieven gestart ter bevordering van het gebruik van het Limburgs en het Nedersaksisch in de media, onder andere in samenwerking met regionale tv- en radio-zenders. *Het gebruik van deze talen is echter niet vastgelegd in de Mediawet van 2008*. In kranten staan zelden Limburgse of Nedersaksische columns. Over het algemeen publiceren de media geen nieuws over of in het Jiddisch of Romanes. Het *Fries*, Limburgs en Nedersaksisch worden doorgaans wel meegenomen in onderzoeken en studies naar kunstmatige intelligentie en er zijn diverse toepassingen ontwikkeld ter bevordering van het gebruik van deze talen in het openbare en het privéleven.

In alle delen van Nederland zijn er veel culturele activiteiten voor de voor het Handvest relevante talen. Diverse prominente *Friese* culturele instellingen worden medegefinancierd door de provincie Fryslân en het ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap. De provincie steunt ook een verscheidenheid aan innovatieve projecten ter bevordering van de Friese taal en cultuur. Het Limburgs geniet brede steun in Limburg en

sprekers van de taal organiseren zelf veel Limburgstalige projecten en activiteiten. Het Nedersaksisch wordt veel gebruikt in het culturele leven en er zijn ook veel culturele activiteiten en muziek- en songfestivals met regionale financiële steun en in enkele gevallen ook met financiële steun van de Rijksoverheid.

Er zijn diverse initiatieven gericht op de bevordering van het gebruik van het Fries in het economische en maatschappelijke leven, *maar er zou meer moeten worden gedaan om de positie van het Fries in de gezondheidszorg te versterken.*

Dit *zevende* evaluatierapport is gebaseerd op de politieke en juridische situatie ten tijde van het bezoek van het Comité van Deskundigen aan Nederland in juni/juli 2022.⁵

⁵ De *skeanprinte* wurden binne fan ús (red.). Fan belang is ek it advys fan DINGtiid (31 jan. 2023): [DINGtiid: 'Fries van peuter tot promovendus, voorschools onderwijs moet beter' - Omrop Fryslân \(omropfryslan.nl\)](#); ek: Geertrui Visser (Omrop Fryslân, d.d. 5 nov. 2022): [Al tritich jier wurdt it Frysk beskermme, mar feilich is de taal dêrmei net - Omrop Fryslân \(omropfryslan.nl\)](#); en: Onno Falkena (Omrop Fryslân, d.d. 16 sept. 2022): [Ried fan Europa kritysk oer beskerming Noardfrysk en Sealterfrysk yn Dútslân - Omrop Fryslân \(omropfryslan.nl\)](#).

Algemiene Ledegearkomste fan de Jongfryske Mienskip (freed 27 okt. 2023 yn Multyfunksjoneel Sintrum 'De Wier', De Telle 21, Oerterp om 19.30 oere)

Yn de gearkomste hat foarsitter Sander Hoekstra in taspraak holden dy't hjir foar in grut part ûnder folget. Dêr binne ek it finansjele jierferslach 2022 en de begrutting fan 2023 goedkard en is de ponghâlde ûntlêstge. Dat wie likegoed it gefal foar it jierferslach oer 2022. Yn it bestjoer waarden keazen: Jelle de Haan, Oane Dykstra (ek beneamd as nije ponghâlder), Wolter Jetten (algemien bestjoerslid, ôfgien as ponghâlder). Fierders kaam de organisaasje fan in konferinsje & symposium oer *autonomy* op it aljemint en it oprjochtsjen fan in *aktiviteitekommisje*.

Taspraak fan Sander Hoekstra

Wolkom

Wolkom bêste minsken op de Algemiene Ledegearkomste fan de *Jongfryske Mienskip* fan 27 oktober 2023. Bliid dat jimme noch tiid meitsje koene om de Fryske saak in hert ûnder de riem te stekken.

Fryske striid

Somtiden fersânet de *Fryske Striid* yn de diskusje oer koroana, Oekraïne, Israëel en Palestina. Aant-Jelle Soepboer soe wol sizze dat wy net foarsichtich mar 'omtsichtich' mei dy fraachstikken omgean moatte. Mar hy *hâldt hoek* minsken, miskien wurdt Soepboer wol kea-



Logo fan de **Jongfryske Mienskip**

zen yn 'e Twadde Keamer en wurdt er minister. Hy is al jierren lid fan de *Jongfryske Mienskip* en sa ticht by it fjoer is it fleis gau bret: *wishfull thinking 2.0*. Dochs moatte wy wach wêze dat wy ús fokus op de Fryske saak net ferlieze: ús stribjen nei *autonomy, better ûnderwiis, mear Frysk* op 'e dyk en yn iepenbiere romten. Wy wolle rispjê wêr't wy al jierren rjocht op hawwe. Ús oprjochter Douwe Kalma sei yn 1915 dat Fryslân de wrâld yn moat, mar ik sis: lit ús earst hjir yn Fryslân oarder op saken stelle en as dat klear is, dan kin Fryslân de wrâld wer yn. De kommende jierren lizze der grutte útdagings foar ús en allinnich mei-inoar as *Mienskip* sille wy dy oerwinne kinne. Oft wy dêr as *Jongfryske Mienskip* in rol yn spylje? Jawis, dat dogge wy al. Hoe? Dat hearre jimme daliks.

Ferstjerren fan Bertus Jans Postma

It jier 2023 begûn net sa bêst. Ús Jongfrysk earelid *Bertus Jans Postma* rekke wei op 6 jannewaris. Ik hoech jimme net te fertellen wat dy man foar ús betsjutten hat. It wie in grutte eare om him nei syn lêste plak te dragen.¹ It hiele bestjoer wie oanwêzich en alhiel yn styl wiene de *Hollânsktalige* plaknammen yn de omjouwing fan de tsjerke ôfplakt. Wy hawwe plannen om op de stjerdatum 6 jannewaris yn 2024 in grutte aksje op priemmen te setten, letter dêr mear oer.

De Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer en de sichtberens fan it Frysk

Yn febrewaris, maart en april hawwe Sjoerd en ik, mar foaral Sjoerd, petearen hân mei amtners op it provinsjehûs oer it opsetten fan de nije *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer* de saneamde BFTK. Yn de BFTK steane de bestjoersôfspraken tusken De Haach en Provinsjale Steaten fan Fryslân. Wy waarden útnûge fanwegens it blauwe boekje dat Sjoerd op eigen inisjatyf útjûn hat mei 10 oanrekommandaasjes foar mear Frysk op 'e dyk. Hy die soks omdat der yn de BFTK fan 2019 neat oan dien waard. Dat boekje wie in skot yn 'e roas.² Troch ús bodzjen en oparbeidzjen mei deputearre Poepjes hiene wy as JFM koarte linen nei it provinsjebestjoer. Sa wurken wy al sûnt 2021 mei frou Poepjes gear om de Fryske taal op de identiteitsbewizen te krijen. Hichtepunt wie de parsekonferinsje ein 2022 dêr't ik mei Deputearre Steaten en kommissaris fan de Kening Arno Brok wrâldkundich makke om aktyf te lobbyen yn de Twadde Keamer om de Fryske taal op de identiteitspapieren te krijen.

Doe't Sjoerd en ik febrewaris 2023 by it earste oerlis mei de amtners fan de BFTK sieten, doarsten dy dat punt net op de BFTK te setten. Ja, sa seine se, men moast hoeden omgean mei dy minsken yn De Haach. Ik bin net gau lilik, mar de reek kaam my út de earen wei. Ik bin ek bêst wol útfallen nei beide amtners ta, mar ja, wy hawwe se nedich. Dy nacht sliepte ik min, wie om fiif oere al wekker en strúnde wat op *LinkedIn* om. Dêr fûn ik in artikel fan it ministearje fan Ynlânske Saken, dêr't se yn oankundigen in nij identiteitsbewiis te ûntwikkeljen en fregen oft der guon minsken wiene dy noch tips of ideeën hiene. Ik haw alle frustraasje fan my ôf skreaun. De strekking wie: wêrom stiet der Frânsk yn ús paspoart en net ús twadde rykstaal, it Frysk? Trije moanne letter waard ik skille troch in amtner fan Ynlânske saken en frege wat ik derfan tinke soe as neist Nederlânsk, Frânsk en Ingelsk de Fryske taal der ek by op kaam. Bêst genôch, dochts? Ik haw him it

advys jûn om kontakt op te nimmen mei de amtners dy't de BFTK regelje yn De Haach. Hy woe graach it blauwe boekje en de ferklearring fan Deputearre Steaten fan Fryslân hawwe. Ik haw him ek advisearre om kontakt te sykjen mei de Haachske amtners dy't de BFTK regelje. Hat er dien ... mar dy fûnen it wol nuver dat it gjin fraach wie dy't troch amtners yn Ljouwert steld wie. Sjoerd hat doe in pittige brief nei it Provinsjehûs stjoerd en ik haw dêr ien de earen wosken oan de tillefoan. No is it ôfwachtsjen en mocht it der by de amtners troch komme, dan leit de úteinlike beslissing by de polityk.

It blauwe boekje fan Sjoerd hat hiel wat tewe brocht op it Provinsjehûs. Nei de boufak seach men al oeral spandoeken mei: **Wy binne wer nei skoalle**. Dochts wer in súkses. Sjoerd hast noch lêste 'updates'?

Fierders binne der allegearre nije minsken kaam nei de ferkiezing yn maart. De BBB wie de grutte winner en alleman siet wer wat rûmer yn de stikstof. Eke Folkerts is no deputearre en wy hawwe al kontakt hân op it kongres fan streektalen yn Frjentsjer.³ Ynkoarten sille wy as bestjoer mei har om 'e tafel.

Woo-fersyk

Wat fierders noch rint, is it Wob-fersyk⁴ oangeande de RUG Grins. Omdat der al sa'n protte minsken mei it heechlearaarskip dwaande wiene, hawwe wy ús as *JFM* ôfsidich holden. Nei in fraach fan, neffens my, ús lid Herman van Vliet hawwe wy in Woo-fersyk dien by de Ryksuniversiteit Grins nei de beslútfoarming tusken de Fryske Akademy en Sietske Poepjes. Dat wy in Woo-fer-

¹ Sjoch oer it ferstjerren en de betsjutting fan *Bertus Jans Postma* ek: *Nij Frisia*, nrs. 1 en 2 fan 2023 en klik op: <http://ffu-fri.eu/PDF/230317.def.nijfrisia-1-2023-3.02MBcompres.pdf> en http://ffu-fri.eu/PDF/230613.def.nijfrisia-2-23-2.simmer-2.11MB_compressed.pdf.

² Sjoch ek: *Nij Frisia*, nû. 2, simmer 2022 (s. 10-18) en klik op: <http://ffu-fri.eu/PDF/220620.def.nijfrisia2-22compress-3.8MB.compressed.pdf>.

³ Op freed 22 septimber 2023 waard yn Frjentsjer in streektalkonferinsje holden fan de *Stichting Nederlandse Dialecten* (SND). It tema wie de 'Zichtbaarheid van streektalen in de openbare ruimte'. Wethâlder Jan Dijkstra fan gemeente Waadhoeke iepene de konferinsje. Doe krige deputearre Eke Folkerts fan de provinsje Fryslân de streektaalatlas oanbean. Út dat streektaalûndersyk komt ûnder oaren nei foaren dat it Amelânsk en it Staversk it meast brûkt wurdt. Mar op 't Bilt en yn Hylpen prate de minsken ek in protte yn de streektaal. Klik op: <https://www.itnijs.frl/2023/09/streektalkonferinsje-yn-frjentsjer/>.

⁴ Wob: Wet openbaarheid van bestuur; no: Woo: Wet open overheid.

⁵ Klik op: <https://jongfryskemienskip.frl/>.



IN NEDERLAND DEZE NOORDERLINGEN VOELEN ZICH NIET NEDERLANDS: 'WIJ ZIJN EEN MEER ERKENDE MINDERHEID'



Friezen willen 'status aparte'

Ze voelen zich Fries, 'geen Nederlander'. De activisten van de Jongfryske Mienskip willen meer aandacht voor de Friese taal en cultuur. „Wij kunnen veel leren van Kick Out Zwarte Piet en XR.“

Omit, zegt Sander Hoekstra (59), ondernemer in Ureterp, was hij beroerd om 'te sterven voor koningin en vaderland'. Dat was toen hij dienstdeed in de krijgsmacht. „Dat zou ik nu nooit meer zeggen.“ Waarom niet? „Door de jaren heen ben ik nu veel meer Fries gaan voelen. Dat Nederland-gevoel is weg. Als ze mij in het buitenland vragen waar ik vandaan kom, antwoord ik: 'I'm a proud Frisian'. Ik identificeer me helemaal niet meer met Nederland.“

Voor haar geldt hetzelfde, reageert Ely Schoonbeek-De Jong (43). Zij komt uit een 'rode arbeidersfamilie', groeide op met scepsis jegens de Nederlandse siften. „Mijn pake (opa, red.) vocht op de Grebbeberg toen Wilhelmus erandoor ging. Met zijn liefde voor Nederland was het meten gedaan.“ Ely is zich de laatste jaren steeds bewuster geworden van haar culturele en regionale wortels. „Ik denk in het Fries, ik ben Fries. Fries is mijn identiteit. Koningsdag, het Nederlands elftal: het zegt me niks meer.“

'Boeren aangevallen'
Sjoerd Groenhof (50) heeft een idee waarom die afstand tot 'Holland' bij veel Friezen die hij kent is gegroeid: „Dat Nederlandse wij-gevoel is mede verdwenen omdat de ranselstaf over de regio's heen regeert. Provincies worden behandeld als uitwendig, onze visseren en boeren worden aangevallen, en dan zijn er bovendien nog mensen die vinden dat wij Friezen niet moeten zenuwen over onze rechten.“

zouls het recht om het Fries te gebruiken in officiële documenten of in de rechtszaal. Terwijl wij zijn een erkende minderheid, in Fryslân is het Fries de tweede officiële rjkspraak.“

De drie zitten aan tafel in de kantine van Sander Hoekstra's brand-beveiligingsbedrijf. Ze zijn lid van de Jongfryske Mienskip, de vereniging die zich inzet voor de 'lykberjochting fan de Fryske taal, kultuer en identiteit'. Die gelijkberechtiging laat, volgens hen, nog altijd te wensen over. Bijvoorbeeld? Hoekstra: „Een lid van ons wilde het donorcodici invullen, maar dat kon niet in het Fries. Hij zat hier en riep: 'Ze willen wel mijn hart hebben en mijn organen, maar ik kan het formulier niet eens in mijn moedertal invullen!' Wat blijkt: dat codiciel is er in alle talen, Turks, Arabisch, Pools, noem maar op, maar niet in het Fries, de tweede rjkspraak. Dus wij klagen bij het ministerie van Binnenland-

'Formulier niet in moedertaal!'

later: corona, het avondklokformulier en weer geen Fries tekst. Uiteindelijk komt dat allemaal goed, maar we moeten er steeds achteraan.“

„Andere minderheden, die niet eens oorspronkelijk hier vandaan komen, krijgen meer aandacht“, merkt Ely Schoonbeek op. „Friezen zijn vaak te herkennen, ik vind dat ergelijk.“ Sjoerd Groenhof: „Wat dat betreft kunnen wij nog veel leren van clubs als Kick Out Zwarte Piet en Extinction Rebellion.“

Groenhof had een brochure zien van de Jongfryske

Mienskip met voorbeelden hoe de Friese identiteit zichtbaarder kan worden gemaakt. Door op autokeutkens naast NL ook de afkorting FRL te gebruiken, bijvoorbeeld, of door spandakens met de tekst 'De scholen zijn weer begonnen' ook in het Fries te produceren. Verder: bewegwijzering in het Fries, een tweetaalig politiebureau ('Plyse') en rijbewijzen, ID-bewijzen en paspoorten met ook Friese teksten.

„In het paspoort zou je als nationaliteit bovendien 'Fries' moeten kunnen invullen“, zegt Sjoerd Groenhof. „Friezen zijn toch Nederlanders? Groenhof: „Ik ben weliswaar Nederlander staatsburger, een inwoner van dit laagland, maar ik zou het liefst afstand doen van mijn Nederlands nationaliteit en als Fries worden geïdentificeerd. Meer leden van de Mienskip willen dit.

Maar helaas kan het niet.“ Eens in de zoveel tijd treffen activistische Friestallen elkaar internationaal: West-Friezen, Oost-Friezen, Noord-Friezen, uit Nederland, Duitsland en Denemarken en uit de diaspora, driejaarlijks komen ze bijeen op het Duitse eiland Helgoland. Bij die bijeenkomst werd ook de vraag gesteld waarom de Friezen geen gemeenschappelijke vlag hebben: Ten vlag waarin alle Friezen zich thuis voelen en herkennen.“

Noordzeevlag

Na overleg met de Fryske Ite foar Heraldyk (Friese raad voor heraldiek) werd gekozen voor een Scandinavisch-achtige 'Noordzeevlag', met een groot kruis en de typische pompelbladen. Sander Hoekstra: „Weet je wat zo bijzonder is? Ik wan op een plaatsfestival en zag daar bij Friese jongeren die vlag opdu-

De Friese activisten v.l.n.r. Sjoerd Groenhof, Ely Schoonbeek-De Jong en Sander Hoekstra met de Noordzeevlag. FOTO: ANNE VAN DER WOUDE

ken. Die heeft dus een eigen dynamiek en betekenis gekregen.“

Sowieso, constateren de gesprekspartners, identificeert de jongere generatie zich op een 'vanzelfsprekend' manier als Fries dan de ouderen. Sander Hoekstra: „Mijn kinderen voelen zich meer Fries dan ik op hun leeftijd. Ook onderling hebben zij dat 'wij'-gevoel: ze hebben donders goed in de gaten waar ze vandaan komen en wie zij zijn. Laatst meldde een meisje van zo zich, die wilde lid worden van de Jongfryske Mienskip. Ik dacht: wat is dit?“ Ely Schoonbeek: „Terwijl het Friesland onderwijs tekortschiet. Mijn kinderen zijn semi-analfabeet in het Fries: ze spreken het vloeiend, maar ze appen mij foutachtig.“

„Dat Friese wij-gevoel, die gemeenschapszin, valt ook mensen elders in Nederland op. Hoekstra: „Bij de boerenprotesten wapperde de Friese vlag tot in Zeeland en Limburg. Omdat ze daar zagen dat het verzet tegen Den Haag hier breed werd gedragen.“

Uiteindelijk streven ze naar meer autonomie, zegt Sjoerd Groenhof. „We moeten realistisch blijven: complete autonomie of onafhankelijkheid zitten er niet in, maar een status aparte binnen het koninkrijk, met als de Caribische rijkdelen die hebben, dat moet mogelijk zijn.“

De Telegraaf (tongersdei 14 sept. 2023, T9): Friezen wolle in 'status aparte'. Lofts op de foto: Sjoerd Groenhof; midden: Ely Schoonbeek-de Jong (skiuwster); rjochts: Sander Hoekstra (foarsitter, mei de Noardseevlagge).

Postcast oer de Fryske taal, kultuer en identiteit

Bestjoerslid Jenny Douwes hat in podcast makke oer de Fryske taal, kultuer en identiteit. Der steane no sa'n fjouwer 'online'. Men kin dy opsykje op it webstee fan de JFM.⁵ De earste wie mei Esther Liano, de twadde mei Gabor Landman, de tredde mei Herman van Vliet en yn de fjirde siet iksels. Wa't der noch komme, binne Steven Sterk, Henk Wolf en Willem Schoonstra. Tige tank Jenny, om't it bêst wol in protte wurk is. It is nijsgjirrich en wy hoopje op dy wize de jongerein ek warber te krijen foar de Fryske saak.

In 'status aparte' foar Fryslân

It wie ek Jenny dy't Wierd Duk fan De Telegraaf yn kontakt brocht mei it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip foar in ynterview yn dy krante. Wy hawwe der al efkes oer gear west oft wy dat wol of net dwaan moasten. Mar it die bliken dat it in goede set wie. Leau it of net, mar krante doe't artikel (op 14 sept. 2023) yn 'e krante stie, skille de hjir earder neamde amtner fan Ynlânske saken my wer. Dêrtroch kaam der ekstra reklame foar ús striid en krigen wy der ek wer 6 nije leden by.

De Opstalsbeam-betinking op 30 maaie by Au[w]erk/Aurich

Troch it krewearjen fan Martsje de Jong en Alfred Plantinga wie der fan 't jier op tiisdei 30 maaie wer in busreis nei de Opstalsbeam-betinking by Au[w]erk yn East-Fryslân (Dsl.). Út Dútslân wei krije wy dêr subsidyzje foar. Ik haw trije kear de fereaske dokuminten ynfolle en

WIERD DUK SPREEKT WEKELIJKS MET BURGERS OVER DE STAND VAN HET LAND.



syk diene, joech al wat opskuor hjir en dêr. Dat hie te krijen mei it feit dat yn it begeliedend skriuwen nei de krante stie dat it wol liek as wie it op de RUG 'Verboten für Friesen!' Guon minsken fan de Ried fan de Fryske Beweging naamden ús sels antysemitysk. Dat wie der fier by troch en wy wachtsje noch hieltiten op in eksklus fan it bestjoer. Efterôf is it maklik om de ko yn 'e kont te sjen. Sjoerd sil daliks wat mear fertelle oer de stân fan saken by it Woo-fersyk.

waard ek noch skille troch in Dútske amtner mei de fraach oft Herr Hoekstra wol de foarsitter wie, grif Dútske 'gründlichkeit'. Foar Martsje en Alfred wie it de lêste kear om soks te organisearjen. Wy witte net oft wy it as bestjoer yn 2024 sels organisearje, mar as der leden binne dy't it op harren nimme wolle, dan kinne wy dêr mei gearwurkje.

Bestjoersferoarings

Fierders hawwe wy feroarings yn 't bestjoer hân. Wolter Jetten hat jierrenlang in protte dien foar de JFM. Hy wie fan betinken dat it tiid waard om it ponghâlderskip en skriuwerspart oer te dragen. Lokkich wiene Elske Schoonbeek en Oane Dykstra ree om dat oer te nimmen. Dochs wie it noch in hiel sirkus yn ferbân mei ynlochkoaden, wachtwurden, ensfh. De bank blokkearre, de webside yn 'e hobbels, *Nij Frisia* te let, koartsein: alles wie yn 'e war. Dochs hawwe wy ien en oar wer op oarder krige en wurket alles wer. Wy moasten der as nij bestjoer noch efkes ynkomme, mar jou ús it betrouwen ...

Ús webwinkel

Fia ús webwinkel ferkeapje wy ynter-Fryske flaggen (de saneamde *Noardseeflagge*), spjeldsjes en FRL-autostickers. Wat der it kommende jier bykomt, binne polohimden en t-shirts mei ús logo op de foarkant. Ik sil it jimme efkes sjen litte.

Kommunikaasje mei de leden

Wat wy fan 't jier perfoarst net goed dien hawwe, wie de kommunikaasje mei de leden. Wy moatte faker nijsbrieven rûnstjoere. Benammen Jolanda van Lun-

zen hat my dêr mei rjocht oer by de earen hân. In ûntskuldiging is wol op syn plak, tinkt my. Wy wurkje der-oan en ûnthjitte betterskip.



De FRL-autoplakker is ek yn ús webwinkel te keap ...



Ús spjeldsje mei de Noardseeflagge kin grif faker droegen wurde ...

It Frysk Deiblêd spriek op de dei fan de ferkiezings (woansdei 22 novimber 2023) ferskate stimmers oan om harren miening kenber te meitsjen. Dat kaam ús Jongfries, Piter Dykstra, ek oer.



Brief oan leden fan de Twadde Keamer oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer



Presintaasje fan it ûntwerp fan in Frysk plysjejaske, showd troch Lutz Jacobi, 26 juny 2019.

Fan: BoargerAksjegroep
De BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'
Balthasar Bekkerstrjitte 7
9123 JV Mitselwier
E-post: sistsiis@hotmail.com

Mitselwier, 2 desimber 2022

Ûnderwerp: Plenêr debat oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 8 desimber 2022

Rju achte Harry van der Molen,

De BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis' besiket sûnt 2016 de Friezen mei demonstraasjes te mobilisearjen om op te kommen foar better Frysk ûnderwiis. Wy stypje ek skoallen mei oarkonden en bokepakketten om better Frysk te jaan en wy trúnje de polityk oan om better te soargjen foar ús meast weardefolle besit, ús memmetaal. Op <https://sistsiis.frl> kinne jo in oersjoch fine fan ús aksjes.

No't jo tongersdei debattearje sille oer de bestjoersôfspraak Frysk fan it Ryk en de Provinsje Fryslân (BFTK), wolle wy graach it folgjende yn it omtinken jaan.

De ûnderwiisynspeksje

Al mear as fjirtich jier wurdt de Fryske taal op in soad basisskoallen net goed oanbean. De wetlike ferplichting wurdt troch in part fan de basisskoallen gewoan njonken har dellein. Men soe soks ek fraude neame kinne. Wêr't de ûnderwiisynspeksje by de islamityske skoallen alles tige krekt folget, sjocht dy by de offisjele twadde rykstaal, it Frysk, graach de oare kant út.

¹ Sjoch it debat op: <https://debatgemist.tweedekamer.nl/debattenbestuursafpraak-friese-taal-en-cultuur>.



It CDA hie yn de fêste Keamerkommisje foar Ynlânske Saken op 8 july 2022 frege nei it stânpunt fan it kabinet oer de winsk fan de provinsje om sels it foech fan de ûnderwiisynspeksje te krijen. It kabinet wol gjin praat hawwe fan in oerdracht fan foech nei de provinsje. Sa stiet de provinsje mei al har ynset foar goed Frysk ûnderwiis foar joker by al dy skoallen dy't der gjin belang by hawwe, om't der dochs gjin sanksjes binne. Frysk ûnderwiis wurdt net holpen mei it *krampeftige sintralisme* dat oars sa typearjend is foar in Nederlânske bestjoer. De master-feint-relaasje tusken it Ryk en de Provinsje Fryslân – De Haach beslist alles – stiet heaks op de *emansipaasje* fan it Frysk en is yn striid mei goede demokratyske prinsipen fan lykwaardich oerlis.

It Frysk kin him yn it ûnderwiis net goed ûntjaan as Fryske skoallen foar alles oan deselde easken foldwaan moat as skoallen bûten Fryslân. Dêrom is 'Sis Tsiis' net allinne foar in eigen Fryske ynspeksje, mar ek foar in Frysk *ûnderwiisministearje*. As jin dat te fier giet, kin it dan faaks sa wêze dat in sintralistyske ideology jins persepsje ek wat yn de macht hat? Yn gâns oare lannen is it hiel gewoan. Sa falt yn it *federale* Dútslân it ûnderwiis ûnder de *Bundesländer*.

Sels wolle wy it rommer sjen mei as biedwurd: *kulturele autonomy*. Dat is net provinsjaal isolasjonisme, mar *emansipaasje*. Yn Hollân soe men ek net wolle dat ynstellings út in oare kultuer wei bepale soene hoe't harren ûnderwiis- en kulturele ynstellings derút sjogge. Benammen net as men, yn bygelyks Londen of Brussel, derop tasjen wolle soe dat ûnderwiis yn it Nederlânsk net te'n koste gean mei fan it ûnderwiis yn it Ingelsk. Wy binne net oars. De Fries is net stiif en steech sa't de Hollânske myte hawwe wol. Wy steane iepen foar in oar en sympatisearje mei de 'underdog', om't wy in oar wol gunne wat wy sels ek graach hawwe wolle. Yn Fryslân binne gjin grutte protesten tsjin de komst fan AZC's; ús foarman en strider foar it Frysk, ús kommissaris fan de Kening, is hikke en tein yn Leerdam. 'Arno', 'Habtamu' en 'Harry' binne like Frysk as 'Romke', en in aksint is gjin grûn foar útsluting, mar in persoanlik eigenskip dêr't men om wurdearre wurdt.

Ús ynhâldlike bydrage oangeande it tekoart oan Frysk ûnderwiisfoech

It sjocht der no nei út dat krapte op de ûnderwiisarbeidsmerk en in tekoart oan ûnderwiisfoech foar it Frysk brûkt wurdt as rjochtfeardiging foar it al 40 jier tekoartsjitten yn de wetlike ûnderwiistaak. Yn de koroanatiid hawwe alle skoalmasters en juffen digitaal lesjûn oan harren learlingen. Boppedat sitte der yn alle lokalen

digibuorden. Ek al soene guon skoallekoepels net foar alle skoallen in ûnderwizer mei it foech Frysk hawwe, dan kinne in pear kollega's binnen dy koepel dy't wol it foech Frysk hawwe, hiel ienfâldich de kollega's sûnder foech mei digitale lessen Frysk bystean. Mochten de skoallen ûnderling net digitaal mei-inoar ferbûn wêze, dan biedt in USB-stick mooglikheden.

De bern krije sa yn elts gefal de krechte útspraak te hearren. En de ûnderwizers sûnder foech hoege de skriftlike opjeften allinne mar te korrizjearjen oan 'e hân fan it goede foarbyld fan harren kollega's en stekke der sa sels ek noch it nedige fan op. Sa ienfâldich kin it wêze!

De Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK)

De doelstelling fan de BFTK is dat der yn 2030 mear Fryskpraters wêze moatte. Minder soe fansels yn striid wêze mei it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden*. Mei de ûndertekening fan dat *Europeesk Hânfêst* hat Nederlân him ferplichte om de Fryske taal en kultuer te beskermjen en te befoarderjen. No is it Frysk in taal mei in legere status as it Nederlânsk. Men kin ek sizze: it Frysk is in efterstelde taal yn ferliking mei it Nederlânsk, oftewol it Frysk (de Fryskprater) wurdt diskriminearre. Dat fenomeen kin yn ferskillende gradaasjes mei wurden oanjûn wurde. Mar it kompleet negearjen fan dat aspekt makket fan wetten en maatregels op dat mêd al gau loaze teksten. As in oerheid diskriminaasje bestride wol, dan is it takennen fan deselde rjochten oan de diskriminearre groep wol it minimum. Alles wat minder is, is legitimaasje fan in beskaate mjitte fan diskriminaasje. En wol men echt wat berikke, dan is *positive* diskriminaasje, lykas op plakken mei it ynstellen fan in frouljuskwotum dien wurdt, in goede opsje. De âlde BFTK fan 2019 komt net yn de buert fan sa'n fyzje.

Yn grutte halen kin men stelle dat ûnderwiis it fûnemint is fan in taal. Sa'n 10-15 jier in dosint foar jo noas dy't ABN praat yn de libbensfaze dêr't taal yn eigen makke wurdt, is in enoarme stipe foar it Hollânsk (Nederlânsk). Sa koe it ABN útgroeie fan 2% 'native speakers' 200 jier lyn oant yn de 90% no. De steat hat dan ek alle jierren mear as 40 miljard oer foar dat ynstút. As wy dêr 5% fan nimme – it oanpart fan de Friezen yn de befolking fan Nederlân –, dan soe yn in lykwaardige ferhâlding sa'n 2 miljard foar Frysk ûnderwiis beskikber wêze moatte. Dat is fan in folsein oare oarder as de 4 ton dy't de skoallen no krije út de MIF (Materiële Instandhouding Frysk). It binne no mar kraaltsjes en spiegeltsjes, dêr't mei ûnderstreke wurdt dat it Frysk *gjin rjocht*

is mar in *geunst*. Sa besjoen is de BFTK earder in ynstrumint yn de ûnderdrukking fan it Frysk as in ynstrumint yn de soarch foar it Frysk. Der hat noch nea in posityf rapport west fan it *Europese Committee of Experts*. Wy hoege net te wachtsjen op it folgjende rapport salang't it belied net feroare is. Dat sil grif wer like negatyf wêze. Dêrom ûnderskriuwe wy de útspraak fan ús kommissaris fan de Kening, Arno Brok, yn syn ynlieding by de *Rede fan Fryslân* op 24 novimber 2022: 'De folgjende BFTK moat minder braaf wêze.'

Sichtberensakkoart

De *BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'* hat op 24 april 2019 in petyasje oan de Twadde Keamer oanbean oangeande de soarch foar it Frysk. Dêr hawwe wy in ûntwerp foar in plysjejaske mei de Fryske tekst 'plysje' by dien. Minister K. Ollongren hat doe sein dat se it der mei har kollega Ferdinand Grapperhaus fan Justysje oer hawwe moast en dy sei in wykmannich letter dat er it net in goed idee fûn, om't er ferwachte dat in plysje yn in Frysk plysje-

unifoarm wolris troch oare plysjeminsken diskriminearre wurde koe en dat wie net goed foar de status fan de plysje. Dêr kaam fierder gjin reaksje op, mar as dat de wize wêze soe dêr't in minister op hokfoar mêd ek diskriminaasje mei bestride woe, nammentlik it wei-poetsen fan de diskriminearre partij, dan soe dat in politike krisis betsjutte. Mar om't it oer it Frysk gie, koe dat der doe noch op troch. Is dat no ek noch sa?

It is ús hope dat wy jo mei ús opmerkings helpe om tongersdei in wiis en fruchtber debat fiere te kinnen.

Mei rju achtinge,
Piter Dykstra,
út namme fan de *BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'*

Neiskrift: Dit brief is ek tastjoerd oan de keamerleden: Stieneke van der Graaf, Habtamu de Hoop en Romke de Jong.

Rige podcasts fan Jenny Douwes op de webside fan de Jongfryske Mienskip



Esther Liano yn aksje ...

Jenny Douwes hat ús in nij talint fan har iepenbiere. As ynterviewster hat hja in moaie rige podcasts opnommen.

- *Esther Liano*, topamazône.

Sjoch foar de podcast op ús webside: <https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-1-esther-liano/>.



https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-1-esther-liano/

wilens in kuerke of mei byld derby lekker op 'e bank: lit it us witte via de soosjals mei stekje: #JFMpodcast.

Yn dizze earste ôflevering is **Esther Liano** te gast. Esther is foaral bekend troch har prestaasjes as topamazône mei Fryske hynders yn de dressuer. We prate mei har fansels oer har grutte passy, it Fryske hynder. Mar ek oer har Frysk-Katalaanske identiteit, oer foarordiel, de gefolgen fan de 'stiktofflauwekul' foar de hynstewrâld, oer hoe 'tst tsjin alle advizen yn karriêre makkest fan dyn passy, cancelculture en woke, eastfeardersplassen, Harrekieten en noch folle mear.

DONAASJE

RESINTE BERJOCHTEN

YNTERNASJONALE FRYSLÂN DEI
26 novimber 2023

PODCAST SEARJE ÔFLEVERING 7: WILLEM SCHOORSTRA
25 novimber 2023

PODCAST SEARJE ÔFLEVERING 6: STEVEN STERK
25 novimber 2023

Stay tuned foar de oare ôfleveringen mei dizze tige nijsgjirrige gasten:

- *Gabor Landman* (<https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-2-gabor-landman/>) fan Stifting *European Language Rights* oer it skeinen fan de taalrjochten fan minderheden yn Europa.

- *Sander Hoekstra* (<https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-4-sander-hoekstra/>), ûndernimmer, dichter en foarsitter fan de *Jongfryske Mienskip*.

- *Herman van Vliet* (<https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-3-herman-van-vliet/>), ûndernimmer en passyboer oer syn masterskripsje skiednis dy't hannelet oer de Fryske ytkultuer.

- *Steven Sterk* (<https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-6-stein-sterk/>), útjouwer, boekhanneler, natuerleafhawwer en pasjonearre fer-

teller.

- *Henk Wolf* (<https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-5-henk-wolf/?fbclid=IwAR3-FdzN-ni5D6JgzMcZhhI48lrxSkIIMlozFrj3SZuMmwcGUpdWSmzP8Vs>), taalkundige, dosint en skriuwer oer ûnder oare Sealterfrysk.

- *Willem Schoorstra* (<https://jongfryskemienskip.frl/podcast-searje-oflevering-7-willem-schoorstra/>), suksesfol Frysk skriuwer, winner fan ferskate literatuer- en poëzyprizen en bekend fan ûnder oare de boeken *Erfskip*, *RêdBâd* en *Swarte Ingels*.

De opnamen sitte troch de kundige Folkert de Hoop technysk ek tige goed yn inoar. Wy sjogge út nei mear. Dit medium is sûnder mis in juwiel foar ús webside.

Piter Dykstra

Earste Ynternasjonale Fryslân-dei yn Emden 24 novimber 2023

S neon 25 novimber waard yn Emden de earste Ynternasjonale Fryslân-dei holden. De organisaasje wie by André Freimuth yn tige goede hannen.¹ Hulde, it hat skoen foldien.

Yn de kommende nûmers fan *Nij Frisia* sille de Fryske oersettingen fan de taspraken fan û. o. Arjen Dykstra en Tom Wester opnommen wurde.



Seis fan de acht delegaasjeleden fan de Jongfryske Mienskip yn de tsjerke fan de Johannes a Lasco Bibliothek op de International Friesland Day yn Emden. Foarste rige f.l.n.r.: Piter Dykstra en Janny Sytsma, Ed Knotter. Twadde rige f.l.n.r.: Seye Herke Brinkman (mei hoed en burd), Gosse Hovinga, Joeke van der Heide (mei hoed en burd) (foto: S.T. Hiemstra, 25-11-2023).

NOVEMBER 2023 • BILD BREMEN • SEITE 9

SATERDAG 25 NOVEMBER 2023

INTERNATIONAL FRIESLAND DAY

Wi willn uns an disse Dag uttsken mit Minsken ut de 3 Frieslanden, de Ommelanden un mit Butenfriesen over uns gemeensame Kultur un Geschichte. Wo könnst wi in tokommst betere kulturell tosammenarbeiden.

Vorsitter: Rikus Jager
Organisator: Andre Freimuth
Een Vödrach hölln:

- Friesischer Verband für Naturschutz
- Dr. Arjen Dijkstra, Direktor van Treasor
- Dr. Wolbert Smidt, Ethnohistoriker
- West-Fries Genootschap
- Dr. Arthur Stögmann, Fürstenhaus Liechtenstein
- Een Trachtengruppe ut Nordfriesland
- Moi Musik un een Liveschaltung na't Dirksen Congress Center in Illinois, USA

För mehr Infos kiek bi de Facebook-Gruppe „Historischen Ostfriesland/ Friesland“. Van 15-18 Uhr nammidags, Intree 10 EUR. Van 19-21 Uhr avends, Intree 10 EUR

Korten un mehr Infos bi a.g.freimuth@gmail.com




25 NOVEMBER • 15U-21U
JOHANNES A LASCO BIBLIOTHEK EMDEN
(OST-FRIESLAND)

Die stolzen Ostfriesen halten ihre jeweiligen Fahnen fest in der Hand



So läuft der Internationale Tag der Friesen

Lewer duad us Staat!

Emden - **Die berühmte Johannes a Lasco Bibliothek in Emden hat schon viele bedeutende Treffen erlebt - morgen kommt ein ganz besonderes dazu!** Der erste internationale Frieslandtag. Nicht nur Ost-, West- und Nord-Friesen, auch die Groninger sind dabei, tauschen sich über ihre Kulturgeschichte, ihr Leben, die Zukunft aus. Und natürlich die ausgewanderten Friesen, die zum Teil seit Jahrhunderten in Amerika, Australien oder Südamerika leben, sind mit Live-Schalten vernetzt. Laut Schätzungen sind es allein rund zwei Millionen bei den Frisi-

an Americans. „Gerade die Amerikaner interessieren sich sehr für ihre Wurzeln. Es gibt sogar die „Ostfriesen Genealogical Society of America“, sagt André Freimuth (47), der die Idee zu der Veranstaltung hatte. Weltberühmte Friesen sind Mata Hari, Peter Steuversand, Henri Fonda und Wolfgang Petersen. Freimuth freut sich: „Es wurde höchste Zeit, dass die Friesen endlich einmal zusammenkommen.“

Der internationale Tag der Friesen beginnt um 15 Uhr. Karten an der Kasse vor Ort (20 Euro), Liveübertragung in die USA um 19 Uhr.

¹ Klik ek op *It Nijs* (27 nov. 2023):
https://www.itnijs.frl/2023/11/ynternasjonale-fryslanedei-yn-emden/?fbclid=IwAR3ZvmEUaEo_Xz-Fr4RXLwc_0M_HQITdafaK4yl6pUYzP_o43Z0x_Ibw|w



De oankundiging fan de ynternasjonale Friezedei yn Bild Bremen mei in foto fan Seye Herke Brinkman (lofts), André Freimuth (midden, mei harnas) en Ben Wester (rjochts; wie ek oanwêzich). De foto is nommen op it Reaklif by de Warnsbetinking yn 2023.



De aktive dielnimmers oan de Ynternasjonale Fryslân-dei wurde op it poadium huldige (foto: Piter Dykstra).

Wurdsiker (I)

Piter Dykstra

Yn it fjouwerkant dat hjirnêst stiet, steane de wurden út it hjerneifolgjende rjochje:

taaltwang,
fernullen,
hontheie (wyld boartsje),
foarsje, ljeppe, broek,
foarnblei (Lauriscum idus L.),
knoaskje (mommelje, b.g. sliependewei lûd jaan),
bûgjen,
iensens (ienriedigens),
krije,
heareak,
evert,
hazzebeam (Corylus avellana L.),
trankyl,
frjemd,
kreau (gjalp),
namma.

De wurden kinne op acht ferskillende wizen foarkomme. Se kinne gewoan yn in rigel fan lofts nei rjochts printe wêze, mar ek wol fan rjochts nei lofts. Dy kinne dêrby yn in kolom fan boppen nei ûnderen stean of oarsom. En sa binne der diagonaal ek fjouwer mooglikheden. Sykje de wurden op en skras de letters

e	j	k	s	a	o	n	k	h	â	f
t	n	a	m	m	a	e	l	g	n	r
r	s	i	a	f	o	j	j	n	u	j
a	s	k	e	r	o	g	e	a	a	e
n	n	r	b	l	a	û	p	w	e	m
k	e	i	e	e	b	b	p	t	r	d
y	s	j	z	r	v	n	e	l	k	f
l	n	e	z	k	a	e	r	a	e	h
o	e	e	a	e	j	s	r	a	o	f
e	i	e	h	t	n	o	h	t	o	t
n	e	l	l	u	n	r	e	f	s	f

dy't dy wurden foarmje, troch. De letters dy't dan oerbliuwe, foarmje yn de folchoarder sa't wy lêze de oplossing.

In tal wurden komme út de kolum fan Jaap Slager fan it foarige nûmer (NF-3-2023: <http://ffu-frl.eu/PDF/230913.def.NF-3-2%202.22.MBcompressed.pdf>). De oplossing is in útdrukking dy't ek yn dyselde kolom foarkomt.

Kollum fan Jaap Slager (24)*

Endemolsk (I)

Fraach: Wêrom skriuwt Jaap eigentlik yn it Frysk, as Jaap foar syn deistich wurk yn oare talen skriuwt – meast yn it Nederlânsk?

Andert: Dat lêste wurd fljucht my de kop fuort al fan op oranje.

F[raach]: Hoesa dat?

A[ndert]: Jan bedoelt dat ik foar myn wurk meast yn it *Hollânsk* skriuw. Dy taal is allinnich om histoaryske redens, dêr't ik no fierder net op yngean sil, de *lingua franca* yn 'e Nederlannen wurden, oftewol de 'brêge' tusken in ferskaat oan Nederlânske talen yn it gebiet by de Fryske See lâns.



'Ophâlde mei it wanneljen fan geef Frysk foar Endemolsk!' Dy flagge past ús net (foto: Het Financieele Dagblad).

F: Mar ... dan is Frysk neffens Jaap dus ek in Nederlânske taal?

A: Ja, wat oars? Dêrom net, yn alle talen dy't ik ken, wurdt Hollânsk sljuchtwei 'Hollânsk' neamd.

F: No, ik gean troch mei 'Nederlânsk' te sizzen as ik *Hollânsk* bedoel.

A: Dan sis ik fan 'Endemolsk'. Goed?

F: Mar ik haw altyd 'Nederlânsk' sein – dat bin ik sa wend.

A: Tsja, ik bin wend om 'rjucht en sljucht' te sizzen, mar dan hat Jan wer alderhanne ditten en datten.

F: Ja, want it moat 'rjocht en sljocht' wêze. Ommers, as wy ús mei-inoar oan ien stavering hâlde, dan begripe wy inoar it bêste. Is 't net sa?

A: Dat sil it Nederlânske regear yn De Haach folslein mei Jan iens wêze.

F: Hoe bedoelt Jaap?

A: Ik hearde okkerwyks op *Omrop Fryslân* trije Fryske sporters ûnôfhinklik faninoar ferklearjen dat se 'heel blij' wiene. Net 'o sa bliid' of 'alhiel út 'e skroeven'. Nee, 'heel blij'. *Endemolsk* dus! Ien stavering! Jan 'blij', De Haach 'heel blij'!

F: No net sa raar, Jaap! Ik bedoel fansels ien stavering foar it Frysk.

A: Oars sein, lju út 'e Stellingwerven meie gjin Oertsjongersk mear skriuwe. Is dat wat Jan bedoelt?

F: Ik bin alhiel fan 't sjapiter ... en wy binne skraachwurk¹ begûn. Wat wie de fraach?

A: Wêrom't ik yn linze² oerkes yn it Frysk skriuw. Tsja, wat is der mear eigen as jins memmetaal? Doe't ús mem út 'e tiid wie, ûntduts ik rillegau dat hja yn my fuortlibbe: hja praat fan en ta noch mei my, sjuch? Is dat gek?

F: Perfoarst net. Ik roai³ dat wittefolle lju dat neifele kinne.

A: As dat sa is, sille dy lju ek it gefoel neikomme kinne dat as wy ús taal ferslûnzgje litte, wy ús mem kwytretsje sille ... ienris en foargoed. En de wichtichste dingen yn it libben binne no ienkear gjin ... uh, *dingen*.

F: Ik haw noed dat net folle lju *dat* mei Jaap iens binne.

A: Jan moat de moedfearren net hingje litte. Optimistysk bliuwe – *para a frente é que é o caminbo!*

F: ???

A: Dat is Braziliaansk foar: *de takomst leit foar ús*.

F: De takomst fan it Frysk? Dat heart wat nuver út de mûle fan ien waans Frysk – mei alle respekt – frijwat *âldmoadrich* is.

A: Wy hoege yndied net mei-inoar yn 't lyk te wêzen oer it paad dêrhinne. Jan syn doel is bygelyks – as ik it goed begrepen haw – ien mandélige⁴ stavering oant wy allegearre in foech Endemolsk prate en skriuwe. Sjuch, dat fyn ik – mei alle respekt – wat *behâldsmannich*⁵, want neffens my is dat it paad nei stilstân. En stilstân is tebekgong. Dizze jonge dolt mooglik net sa djip as Jan, mar myn oanpak soe wêze: it libbene Frysk as útgongspunt nimme foar fernijing. Dus, ophâlde mei it wanneljen⁶ fan geef Frysk foar *Endemolsk*. Want der is gjin werom – wat wy earst mei-inoar ferskronfelje litte, doocht net ta grûnslach foar fernijing. Of bin ik dêr hielendal mis mei?

[*tenei mear*]

*Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, behearsket it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk ek boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande kollum is skreaun op 16 sept. 2023. Sytze T. Hiemstra hat jitte inkelde taljochtsjende noaten tabeakke.

¹ *Skraachwurk*: amper(oan).

² *Lins*: leech.

³ *Roai*: skatte, roeze.

⁴ *Mandéllich*: mienskiplik.

⁵ *Behâldsmannich*: behâldsuchtich, konservatyf.

⁶ *Wannelje*: ferwikselje, ferruilje, ferdwine litte.



In gleske drinke op libben en geef Frysk: **tsjoch!** (foto: Jaap Slager).



IN NEDERLAND DEZE NOORDERLINGEN VOELEN ZICH NIET NEDERLANDS: 'WIJ ZIJN EEN ERKENDE MINDERHEID'



De Telegraaf (tongersdei 14 sept. 2023, T9): Friezen wolle in 'status aparte'. Lofts op de foto: Sjoerd Groenhof; midden: Elske Schoonbeek-de Jong (skriuwster); rjochts: Sander Hoekstra (foarsitter, mei de Noardseevlagge) (sj. s. 21).

Friezen willen 'status aparte'

Ze voelen zich Fries, 'geen Nederlander'. De activisten van de Jongfryske Mienskip willen meer aandacht voor de Friese taal en cultuur. „Wij kunnen veel leren van Kick Out Zwarte Piet en XR.“

Gnit, zegt Sander Hoekstra (59), ondernemer in Ureterp, was hij bereid om 'te sterven voor koningin en vaderland'. Dat was toen hij dienstdeed in de krijgsmacht. „Dat zou ik nu nooit meer zeggen.“ Waarom niet? „Door de jaren heen ben ik mij veel meer Fries gaan voelen. Dat Nederland-gevoel is weg. Als ze mij in het buitenland vragen waar ik vandaan kom, antwoord ik: 'I'm a proud Friesian'. Ik identificeer me helemaal niet meer met Nederland.“

Voor haer geldt hetzelfde, reageert Elly Schoonbeek-De Jong (43). Zij komt uit een 'rode arbeidersfamilie', groeide op met seculis leuens de Nederlandse elites. „Mijn pake (opa, red.) vocht op de Grebbeberg toen Wilhelmina ervandoor ging. Met zijn liefde voor Nederland was het meteen gedaan.“ Elly is zich de laatste jaren steeds bewuster geworden van haar culturele en regionale wortels. „Ik denk in het Fries, ik bin Fries. 'Fries' is mijn identiteit. Koningstag, het Nederlands elftal: het zegt me niks meer.“

'Boeren aangevallen'

Sjoerd Groenhof (60) heeft een idee waarom die afstand tot 'Holland' bij veel Friezen die hij kent is gegroeid. „Dat Nederlandse wij-gevoel is mede verdwenen omdat de randsstad over de regio's heen regeert. Provincies werden behandeld als wingewest, maar vissers en boeren worden aangevallen, en dan zijn er boerendien nog mensen die vinden dat wij Friezen niet moeten zeurzen over onze rechten,

zouls het recht om het Fries te gebruiken in officiële documenten of in de rechtszaal. Terwijl wij zijn een erkende minderheid, in Fryslân is het Fries de tweede officiële rijkstaal.“

De drie zitten aan tafel in de kantine van Sander Hoekstra's brandbeveiligingsbedrijf. Ze zijn lid van de Jongfryske Mienskip, de vereniging die zich inzet voor de 'lykherjochting fan de Fryske taal, kultuer en identiteit'. Die gelijkberechtiging laat, volgens hen, nog altijd te wensen over. Egvoorbeeld? Hoekstra: „Een lid van ons wilde het donorcodicil invullen, maar dat kon niet in het Fries. Hij zat hier en riep: 'Ze willen wel mijn hart hebben en mijn organen, maar ik kan het formulier niet eens in mijn moedertaal invullen!' Wat blijkt: dat codicil is er in alle talen, Turks, Arabisch, Pools, ruoms maar op, maar niet in het Fries, de tweede rijkstaal. Dus wij klagen bij het ministerie van Binnenland-

se Zaken. Kregen we een e-mail terug: die ambtenaar had vergeten een opmerking van een collega te verwijderen, die schreef: 'Laat die kerel eens in z'n paspoort kijken'. Zo van: wat zeurt die vent nou, hij is toch Nederlander? Een jaar later: corona, het avondklokformulier en weer geen Friese tekst. Uiteindelijk komt dat allemaal goed, maar we moeten er steeds achteraan.“

„Andere minderheden, die niet eens oorspronkelijk hier vandaan komen, krijgen meer aandacht“, merkt Elly Schoonbeek op. „Friezen zijn vaak te bescheiden, ik vind dat ergerlijk.“ Sjoerd Groenhof: „Wat dat betreft kunnen wij nog veel leren van clubs als Kick Out Zwarte Piet en Extinction Rebellion.“

Groenhof laat een brochure zien van de Jongfryske

Mienskip met voorbeelden hoe de Friese identiteit zichtbaarder kan worden gemaakt. Door op autokenntekens naast NL ook de afkorting FRL te gebruiken, bijvoorbeeld, of door spandoeken met de tekst 'De scholen zijn weer begonnen' ook in het Fries te produceren. Verder: bewegwijzering in het Fries, een tweetalig politie-uniform ('Fysje') en rijbewijzen, ID-bewijzen en paspoorten met ook Friese teksten.

„In het paspoort zou je als nationaliteit bovendien 'Fries' moeten kunnen invullen“, zegt Sjoerd Groenhof. Wacht, Friezen zijn toch Nederlanders? Groenhof: „Ik ben weliswaar Nederlands staatsburger, een inwoner van dat laagland, maar ik zou het liefst afstand doen van mijn Nederlandse nationaliteit en als Fries worden geïdentificeerd. Meer leden van de Mienskip willen dit.

Maar helaas kan het niet.“

Eens in de zoveel tijd treffen activistische Friestaligen elkaar internationaal: West-Friezen, Oost-Friezen, Noord-Friezen, uit Nederland, Duitsland en Denemarken en uit de diaspora, driejaarlijks komen ze bijeen op het Duitse eiland Helgoland. Bij die bijeenkomst werd oot de vraag gesteld waarom de Friezen geen gemeenschappelijke volkswag hebben: Ten vlag waarin alle Friezen zich thuis voelen en herkennen“.

Noordzeevlag

Na overleg met de Fryske Ite foar Heraldry (Friese raad voor heraldiek) werd gekozen voor een Scandinavisch-achtige 'Noordzeevlag', met een groot kruis en die typische pompbellen. Sander Hoekstra: „Weet je wat zo bijzonder is? Ik was op een plattelandsfestival en zag daar bij Friese jongeren die vlag op-
(du)

De Friese activisten v.l.n.r.: Sjoerd Groenhof, Elly Schoonbeek-De Jong en Sander Hoekstra met de Noordzeevlag. FOTO ANNA VAN DER WILHEM

kan. Die heeft dan een eigen dynamiek en betekenis gekregen.“

Sowieso, constateren de gesprekspartners, identificeert de jongere generatie zich op een 'vanzelfsprekender' manier als Fries dan de ouderen. Sander Hoekstra: „Mijn kinderen voelen zich meer Fries dan ik op hun leeftijd. Ook onderling hebben zij dat 'wij-gevoel': ze hebben donders goed in de gaten waar ze vandaan komen en wie zij zijn. Laatst meldde een meisje van 20 zich, die wilde lid worden van de Jongfryske Mienskip. Ik dacht: wat is dit?“ Elly Schoonbeek: „Terwijl het Friestalig onderwijs tekortschiet. Mijn kinderen zijn semi-analfabeet in het Fries: ze spreken het vloeiend, maar ze appen mij fonetisch.“

Dat Friese 'wij'-gevoel, die gemeenschapszin, valt ook mensen elders in Nederland op. Hoekstra: „Bij de boerenprotesten wapperde de Friese vlag tot in Zeeland en Limburg. Omdat ze daar zagen dat het verzet tegen Den Haag hier breed werd gedragen.“

Uiteindelijk streven ze naar meer autonomie, zegt Sjoerd Groenhof. „We moeten realistisch blijven: complete autonomie of onafhankelijkheid zitten er niet in, maar een status aparte binnen het koninkrijk, net als de Caribische rijksodelen die hebben, dat moet mogelijk zijn.“



(1)



(2)



De redaksje fan *Nij Frisia* en it bestjoer fan
de *Jongfryske Mienskip* winskje alle lêzers in sûn en striidber 2024 ta!



(3)



(4)

(5)



(6)

Byskriften:

1. De aktive dielnimmers oan de Ynternasjonale Fryslân-dei (foto: Piter Dykstra; sj. s. 28).
2. Trije bestjoersleden fan de JFM: 'Friezen willen status aparte' (De Telegraaf, 14 sept. 2023, sj. s. 31).
3. Jongfryske Mienskip yn de tsjerke fan de Johannes a Lasco Bibliothek op de International Friesland Day yn Emden (foto: Sytze Hiemstra; sj. s. 27).
4. Prof. mr. Gerard-René de Groot kontrolearret it tapassen fan it Hânfêst (sj. s. 18).
5. Ester Dilano yn aksje ... (foto: webside JFM; sj. s. 25).
6. Lutz Jacobi showt yn De Haach it ûntwerp fan in Frysk plysjejaske (foto: Sytze Hiemstra; 26 juny 2019, sj. s. 23).